eigenlijk een dwaasheid is, terwijl *Halbertsma* met een gezonde levensles besluit. Wij voor ons gelooven, dat de *blide Bernkes* van den dichter behooren tot de beste zijner *natuur-* dichten en geven het daarom in haar geheel.

Ploits de blommen, dy dêr bloye,
Bernkes! ploits de blomkes yet,
Sa! nou laitsje en sjonge en djoye,
Ear 't de gouden tiid forgiet.

Hark it soezen troch de stânnen
Fen de seafte Westewyn
Oer de griene Fryske lannen:
Snuef de friske loft en yn.

Hark it lieave ljurkje siongen;
Hark, dy sjongt wer ta Gods ear.
Mear as toezen fâlske tongen
Klinkt dy lof foar de Opperhear.

Sjen it blinken fen it marke;
Sjog! de weagjes dounsje wei.
Sjog de swan, ho dat er farket;
't Bolle wynke nimt him mei.

Yn de wite hagedoarne,
Dy sa frisk to bloyen stiet,
Sjongt wer yn de iere moarne
't Flugge finkje in aerdich liet.

Hark ris, ho de ekster skattert
Yn 'e hege eskenbeam;
't Einke yn it wetter plattert
Mei syn lieave piketeam.

Sjen de hege wolken driuwen
Yn forgankelike pracht.
Sjen de sinne hearlik kliuwen,
Greate bode fen Gods macht.

Hark it beuzieh byke brommen,
Flinters dounsje yn pronkgewaed
Oer de miljoenen blommen,
Dy Gods hân oer 't ierdrik spraet.

Fiskjes binne nou oan 't djoyen
Yn 'e brune djippe mar,
Sjog de hege loft trogploen
De âlde steatlike aerrebar.

Wille hawwe alle dieren,
Sels de mieren yn 'e groun;
Mar syn geast omheag to fieren
Is mar oan de minsken jown.

Al dy lieafde, al dy wille,
Al dy goedheid is foar ûs,
't Mat ûs hert nei boppen tille,
Nei ûs hillig iwig thûs.

Mat ûs hert fen droafheit brekke,
Rint ûs 't eag fen triennen oer,
Kin de ierde ûs leed net tekke,
Dan sprekt ta ûs Gods natoer:

Sprekt ta ûs mei toezen stimmen.
Sjog! de kroedkes op 'e groun;
Sjog! de sinne oan 'e kjimmen,
Nige har holle nei de groun.

Is de dage wer oan 't kommen,
Alles dertelt wer op nij.
De ierde is in hóf fâl blommen,
't Is Gods libb'ne skilderij.

Blydskip fôlt wer alle wrâlden,
't Rint fen wille, wille oer.
Alle foegels yn 'e wâlden
Sjonge as bernkes fen natoer.

Sa mat ek ûs hert optille,
As Gods freunehân ûs slacht.
Folgje triennen op 'e wille,
Tink, de dei brekt troch 'e nacht.

Bernkes, as er blomkes bloye,
Ljurken sjonge yn 'e loft;
Wol dan op de blomkes lykje,
Hab dan as de foegels nocht.

Ploits de blomkes dy dêr bloye;
Bernkes! ploits de blomkes yet,
Ear 't de tsjerkhôfsblommen groye
En dy gouden tiid forgiet.

Ja, onze Dr. *Eeltje* is een dankbaar bewonderaar geweest van de rijke natuur in hare oneindige verscheidenheid. In alle kleuren en klanken heeft hij haar geschilderd en bezongen. Niets ontgaat zijn luisterend oor, zijn opmerkzaam oog, zijn dichterlijk hart. Men leze en vergelijke met het vorige, het stukje Friesche natuur uit en naar het leven, waarmede hij het leerdichtje „*Geales Sliepke*” heeft geïllustreerd.

't Eenvoudige verhaaltje, dat herinnert aan de paradijsgeschiedenis, is rijk aan les en leering, rijk aan echt-Friesche woorden, door menig Fries niet meer verstaan, *sa hat*, om met den heer *Vd. Meulen* te spreken, *de Hollânske tael ûs folk forgrienmanke en de Fryske geast forballe. Musten, as de âlden it net dienen, ûs Fryske skoalmasters net kreftiger meiwirke ha, om de eare fen ûs tael heeg to hâlden, troch har hege waerde, de Fryske bern hearre en fiele to litten?*

Welnu, heeren onderwijzers; mocht *Geales sliepke* velen uwer doen ontwaken. Het is als

geknipt ter behandeling voor de Friesche schooljeugd ten platten lande, het kan een tractatie voor haar worden bij zooveel uit den vreemde, waarnaar de kleine dorpelingen gedwongen zijn dag aan dag te luisteren, jarenlang.

Bedenk: 't Friesch is nog de *moedertaal* van 't kind, waarin het denkt en spreekt, in huis, op straat, bij 't spel zijn heele leven wellicht.

Ontfermt u zijner en open voor hem de bron van genot, troost en levenswijsheid, welke er schuilt voor den *Fries* op rijper jaren in zijn *eigen* letterkunde, die spreekt uit het volk, tot het volk.

Dáur staan geschilderd en bezongen *zijn* erf en vaders, *zijn* bedrijf en omgeving, *zijn* velden en wateren, *zijn* vee en gevogelt, *zijn* huis en haard, *zijn* lief en leed, in *zijn* taal, kortom, hij vindt er het Friesche landschap, Friezen, vrienden, kennissen, zich zelve en waar kan men beter zijn?

Hier hebt ge het bedoelde stukje, dat, evenals „*de Iyftze Toanbeisiker*” en m. a., in woord en beeld en strekking der landjeugd tot nutte leering kan zijn.

Geales Sliepkje.

Yn poepeslom bedobbe (diepe slaap)
Lei Geale yn 't leawich reid; (hoog riet)
Hy hie de kersen gnobbe (weggekaapt)
Yn 't hof fen oarreheit. (grootvader)

De pet oer 't holke hinne
En oer de eagen del;
Want waerm wie de sinne,
De brimsen stiken fel.

En oan in wyljen stobbe,
Dêr hong syn baitsje oan,
En oan it baitsje sobbe
In tsjorre kjelke oan. (een kalf aan een touw)

De roege holders soezen
Troch blomkes en troch kroed
En troch 'e stannen roezen
De simmertwikes loed.

De wettergulen fleagen
En goelden yn 'e flucht,
En nei de terpen teagen (trokken)
De hoantzen yn 't gefjucht.

De skouwe teapets songen (schuwe kraaien of
[gehate deugnieten])

De âlde lange team, (hun vervelend geluid)
En d' ekster wipt' mei sprongen
En gloep fen beam ta beam.

En Toon de seine harre (de zeis scherpte)
Fier yn it lege mæd;
En Doeke mopke narre (plaagde)
Fen 't swiljen wirch en sæd.

En koazze yn 'e doeren, ('t varken)
Dy haf'le yn 'e brij, (slijk)
Lei hymjend loai to poeren
En joeg de sinne frij.

En op 'e daem, der blaide
En eike sæd en sloeg, ('t schaapje)
En oer de lannen waide
Sint Jans tried wyt en roech.

Swiet yn 'e sliep fortiize
Wist boi fen nimmen kwea,
As seafkes him hwet kiize
Oer holle, boarst en lea.

Hy gappe en rekte en sette
Syn doawe skonkjes út,
As by de noas him fette
In kâlde kjellesnût.

„Hoei!” — skilde er — „Oarre, Oarre!” (opa
En sprong hast út it fel, [of pake]
En seag nou as in bloarre (schuldbewuste
Op 't earne kjelke del. [bloodaard])

Och, Geales wroegwjirm kneage,
't Wie oeral: „Oarreheit!”
Hy waerd er yet troch pleage,
Bedobbe yn 't leawich reid.

Kroep yn in syd'ne wrine, (deken)
't Kwea lit dy nearne rêst;
Dou kinste it net ontwine:
It fret dy sliep en rêst.

Wij hebben ten slotte nog te wijzen op een „droavich lietsje”, door *Clare* den Jonker voorgelezen, in des Dichters *laatste* geschrift.

Er staat boven:

De wite flokken,

dat zijn de winterbloemen. 't Is een beurtzang tussehen vader en dochter. 't Herinnert aan zijn in den bloei harer jaren gestorven *Anna*, die hij zoo lief had. Dit verhoogt de waarde van 't lied.

Moai *Sytske* kuiere yn 'e finne
En dounse yn dertle nocht,
Hia plukke blomkes om har hinne
En smiet dy yn 'e locht.

Zij wenschte wel dat het witte vlokken waren, om ten dans te gaan.

„Och,” sei har heit, „dou biste derten,
Dou smytste blommen wei?!

Het dan de winter ek gjin smerten?
O, freegje it de earmen nei.”

Zij blijft steeds vuriger wenschen naar de hoogtijden der volwassen jeugd:

Sint Steffen of Nyjier!

En de wijze vader antwoordt:

As yn de lye simmernachten
It fjild sa hearlik roekt,
En 't âlde hynzer greate frachten
Fen hea nei hûs ta loekt;

't Reidhintsje floitet yn 'e lizen,
De kwartel yn 'e stannen slacht,
Siz is de wrâld den minder lieaver
As yn Sint Steffens nacht? —

Doch het meisje roept

Och, lit dat gers en blommen fleane
En barn dy harken op!
Né, as de wite flokken fleane,
Dan gean wy keamer op!" —

O Sytskelieaf betwing dyn moele,
Dou biste ek yette in blom;
Dy wachtet ek in swarte koele;
O, tink der jimmer om.

Ho faek wirdt net in blom ôfmeane
En stronken bliuwe stean,
En ear 't de wite flokken fleane,
Kinst licht nei 't hôf ta gean.

„Och," roap it fanke, „ikke, ikke?
Ik bin sa jong, sa soun.
O heit, jou mat my net forskrikke,
Sa jong al yn de groun

„Né, as de wite flokken fleane
(O, Sytske! it wie in griis.)
Dan litte wy de blommen fleane
En siikje wille op 't iis!"

Kort hierna vinden we het meisje in den boomgaard aan 't vruchtenplukken; in den top van een der boomen geklommen en nog schertsend en lachend van uit de hoogte, stort ze naar beneden.

Ien sucht, ien skokje troch de lidden,
Wie alles hwet men fen har seag,
Hjir help gjin triennen, snikken, bidden,
It wie de dea, dy har oerteag.

Sa waerd dy moaye jonge blomme
Mei triennen nei it hôf ta brocht.
Ho mannich mat ta stearren komme
As hy er 't alderminst om tocht.

En do de wite flokken fleagen
Dêr sy sa faek nei winske hie,
Dy seagen net har moaye eagen,
Mar leine oer har in kleed fen snie.

In heerlijke beeldspraak is hier de overmoedige dartele jeugd geteekend en gesteld tegenover de wijsheid van rijper ervaring en het ouderhart; tevens in roerende taal de onzekerheid en broosheid des levens uitgesproken, zoo diep gevoeld door onzen dichter in 't eigen bloed.

VI.

Roalje, roalje wetterweagen,
Roalje en broes om 't âlde Grou.

Als *natuurdichter* hebben we Dr. *Eeltje* gehoord in 't veld, waar hij lente en bloemen bezingt en om de verscheidenheid van teekening, daar bijgevoegd een paar zijner leerdichtjes, geïllustreerd als ze zijn met het bedrijvige landschap; thans wenschen we nog eens naar hem te luisteren, waar hij de snaren spant op 't water, zijn element.

Wien 't Friesche bloed door d' ad'ren vloeit,
Verhef den zang als hij

in

De Fryske hirdsiler.

Skipkesile, skipkesile,
Dêr nei stiet myn Fryske sin.
Skipkesile, skipkesile,
Sa lang as ik toagje kin.

Wetter, wetter is myn libben,
Hinget siel en libben oer.
't Libbet, popert my troch de ieren
As ik oer de weagen stjoer.

As de wylde fuwgels djoeye,
't Reidmosk thjottert ljeaf fen tean,
De eintsjes troch de weagen roeye
Mei de piken efteroan;

As it djier yn griene weiden,
Yn de gersen wille het,
Of bescuwle yn de reiden
Fiskerman syn fuwken set;

Den oer Fryske markes drjouwe
Yn de romme simmertiid,
Yn de lye simmerjounen,
Makket hert en sinnen bliid.

Yn de kâlde hjerstmesmoarnen,
Wolkom, stoere noardewyn!
Moantsje mei dyn sulv'ren hoarnen,
Wolkom mei dyn gleaune skyn!

Soesje my troch mæst en lihen,
Ljocht my op de tsjust're poel!
Noarman hirdet ier en sinen,
't Moanljocht wiist my paed en doel.

Yn de kâlde hjerstmesmoarnen,
As 't noardwesten giert en bromt,
As de heil it wetter giselt,
Dobb'rje ik iensom op de romt',

Diggelfjoer sit oan de toppen,
Swarte loftten hingje er oer,
Thouwers fluitsje troch de stropfen,
Eangstich skoarje ik oan it roer.

As de wite koppen stouwe,
't Skipke kreaket, hellet, soecht;
Hingje, slepe, dweile, sjouwe,
Dat is 't libben dat my noecht.

Noflik is 't den thûs to kommen,
Om de ljochte gleaune kloes,
Fen it diggelfjoer forhelje,
Fen it wylde weachgebroes.

As de bernkes freegje en harkje
Hwet hjar heit het onderfoun;
Moast 'k sa'n dei mei noed trochfarkje,
Try'ris noflik is de joun.

Friezen binne wetterlieuwen;
Het it wetter wille en noed,
'k Wol in wetterpolsker blieuwe;
'k Bin fen 't âlde Fryske bloed.

Zoo te zingen is alleen den Fries gegeven, geboren en getogen, te midden van de wateren en meren, waaraan *Friesland* voor een groot deel zijn eigenaardig schoon, zijn karakter en voor vreemdelingen zijn bizondere aantrekke-

lijkheid heeft te danken. *Sonder Frysk gjin Friezen mear* zingt de dichter, maar „*Zonder mear* geen *Friesland meer*” wagen wij er aan toe te voegen.

Dr. *Eeltje's* waterzangen zijn daarom éénig, bovenal zijn *Grouwster Weagen*, tweeling van zijn *Alde terp*.

Myn siel útjit ik,
zingt *Gysbert* en dat mag gezegd worden ook van Dr. *Eeltje*, waar hij de *Fryske Weagen*, dy *roalje* en *broeze* om 't *âlde Grouw*, een zang des levens wijdt, dien we hier in zijn geheel laten volgen.

Grouwster Weagen.

Roalje, roalje, wetterweagen!
Roalje en broes om 't âlde Grou.
Myriaden foar ús eagen
Fleagen, stauwen om ús Grou.
Roalje, roalje ús foarby!
Hirde Friezen bljouwe wy.

Roalje, roalje, Fryske weagen!
Roalje, roalje, âlde Grou!
Broes en wigelje, âlde weagen!
Kroanje de âlde rounne trou.
Roalje, roalje, âlde Grou,
Byld fen echte Fryske trou.

Heit en mem binn' hjir beditsen,
Berntsjes, twiichjes fen myn hert.
Suchten binne hjir forbritsen,
Dy myn God allinne hjert.
Grouwster weagen, bljou my by!
Roalje, roalje ús foarby!

Roalje, roalje, Grouwster weagen!
Bruws en spiel yet om myn grêf;
Libjend koe 'k dy net besjunge,
Spiel my deade wei as tsjêf.
Lit myn berntsjes lieaf en fry
Roeye en djoeye den yn dy.

Roalje, roalje, wetterweagen!
Roalje en broes om 't âlde Grou.
Myriaden foar ús eagen
Fleagen, stauwen om ús Grou.
Roalje, roalje ús foarby!
Hirde Friezen bljouwe wy.

In dit levende water, leeft de taal der Friezen, leeft de stânfries, de dichter, de Grouwster, die roerend laat hooren:

Broes en spiel yet om myn grêf
en moet het zijn: Spiel my deade wei as tsjêf (kaf).

Neem mijn stof, o wetterweagen, die mij zoo dierbaar zijn en

Lit de berntsjes lieaf en frij
Roeye en djoeye dan yn dij.

Mijn geest, mijn streven, moge blijven leven bovenal in u, o jeugd; wat de tijd, welke daar henen snelt als de „wetterweagen”, dan ook moge meevoeren: *Hirde Friezen bliuwe wy!*

Bolsward kan op zijn *Gysbert* roemen, hoe wel *Gysbert* zijn *Bolsward* nimmer heeft ge-

roemd of ook maar genoemd in zijne zangen, evenmin als *Borger*, *Camphuizen* en zoovele andere dichters in wijden kring hun geboorteplaats, doch Dr. *Eeltje* maakt een uitzondering op den regel en verheerlijkt zijn *Grouw*, dat door hem geworden is een „dierbaar plekje grond” voor alle rechtgeaarde Friezen.

Op hardzeilpartijen heeft onze Dichter met zijn jacht, *Gysbert Japix* genoemd, meermalen prijzen behaald; zoo bij den zeilwedstrijd te *Sneek* in den jare 1844 een zilveren tabaksdooz, waarin hij de volgende inscriptie liet snijden:

Gysbert Japix greate namme
Haw ik oan myn skipke jown,
En de prys, dêr elts op flamme,
Fiks mei glans en glorie woun.
Earn fleach *Gysbert* mei syn pinne
Op de wjukken fen 't forstân,
Nôu oer *Friestân's* marren hinne
Broest er, sylt er as de bran!

VII.

Ik seil in sangkje sjonge,
Myn boike jaen dy del.

Dokter *Eeltje* is een kindervriend met een moederhart. Nog sluimerend in de wieg plaatst hij zich met zijn speeltuig aan de sponde der kleinen en zingt:

Myn lieave moet'le jonge,
Ei, kibje net sa fel.
Ik seil in sangkje sjonge,
Myn boike jaen dy del.

Knyp dou dyn lieave eægjes,
Dyn moezige eægjes ticht,
En wiggelje as de weægjes
Mei 't reid oan 'e wetters-ich.

Dou hest gjin soarge of kommer,
Dou witst yet nearne fen,
Dyn widze is dy nou rommer
As 'e wrâld dy wirde kin.

En van de lippen der moeder hooren we:

Och wierste ryk as in prinske
En hieste dyn widze fol goud,
Yet hieste net dyn winske,
Myn boarst fol tate, bout.

* *

Elders klinkt het in een wiegelied, navolging van een Duitschen minnezang:

Dou, dou biste myn Anke,
Dou, dou biste myn bern,
Dou, dou biste myn fanke,
Witst net ho goe ik it mien,
Ja, ja witst net ho goe ik it mien.

Sliep, sliep, seafkes myn bernke,
Sliep, sliep, stil as in blom,
Doek, doek, kroep yn dyn hernke,
Tink dou mar nearne net om. Ja, ja

Dy, dy, scoe ik wol trjouwe,
Ticht, ticht, djip oan myn hert;
Gjin, gjin pennen beskryuwe
Gjin memme-lieafdefioer net. Ja, ja

Troch, troch floer en troch wetter,
Gean, gean, flean ik foar dy;
Gjin, gjin libben is better,
As it stearren foar dy. Ja, ja

Dou, dou biste myn kuwze,
Dou, dou toegest my wei,
Na ... na ... nane suwze ...
Bljou er sa swiet yn wei. Ja, ja

Sleep, sleep, slút har de eagen,
Sleep, sleep, kroep troch har lea,
Tiis, tiis har yn dyn reagen,
Meitsje har libjende dea.

Ja, ja, witst net ho goed ik it mien.

* *

Voor *Ljouwe* (zijn eerstgeborene) *do't er troch*
it dom fearsjier kaem, heft de gelukkige vader aan:

Wolkom, tryeris wolkom, Ljouwe!
Ut it dom fearnsjier.
Ik mat dy ris tige trjouwe,
Dy myn libbens-ier!

Lit ik dy myn hert útjitte,
't Fölle blide hert!
Sloegje seaft op memme-skirte,
Soeg dy roun en fet.

Yette foar in mannich wiken
Leiste as Bouke yn 't koarn,
En gjin gyzen, roppen, striken
Helle in glimke oan.

Nuwer skaeiste, lytse solle,
Mei dyn losse lea,
Knikkebolste mei de holle
As hanswaarst om 't brea.

Maar nu (hoe fijn en juist is alles geteekend en gezegd)

Laitsje kinste en sjongen hearre,
Nei de lampe sjen

En dan dat guitig slot:

Hy het forstân, myn lytse koeze,
Hy het forstân, jawol!
By mannich sit it yn 'e boeze;
Hy het it yn 'e bol!

Zoo aan de wieg als aan het graf, hooren we den ziener en zanger van 't kleine en bewonderen we zijn talent, zijn opmerkingsgave, woordenkeuze en zeggingskracht. Wij geven hier nog enkele versjes uit zijn

Oantinken oan Justus,

onmiddellijk volgend op *Anna's dead*.

Nou is ús lieave Justus wei
De fleur fen 't hûsgesin.
De rouwe dy myn hert oerstjelpet,
Beskriwt gjin swakke pin.

It wie sa'n froalrik, derten bern;
Sa boartlik en sa goed.
O, as ik om dat boike tink,
Bin ik sa near to moed.

Ik wie syn makker op en út,
Ik waerd om him in bern,
Syn aerd, syn namme wie my lieaf,
Eilaes! dat is forlern.

Wie ik soms treurig yn 't gemoed,
Hie skild myn siel bedrukt,
Syn freugd, syn onskild, wie myn treast,
Dy treast is my ontrukt.

It hûs der 'k al dy wille hie,
Is my sa stil, sa near.
Ik sjen syn lieafste boartersgoed,
Syn boartfeint sjen 'k net mear.

De winter hat mei stringe hân
It fjild mei snie befracht!
Yn 't hôf, der 'k mei him kui're hab,
Is 't winter en is 't nacht.

Faek rikte hy my 't hanke ta,
Of naem myn rokseam faet,
En hy formakke my yn 't hôf
Mei syn healmoelich praet.

De keale stroeken stean nou dêr;
De roazen, o sa skoan,
Dêr 't boike faek syn lust oan hie,
Dy binne as hy forstoarn!

VIII.

It mantsje mei sân koam riden
Mei moeskes foar de wein.

Niet alleen *over* of *van*, maar ook *vóór* het kind heeft Dokter-om gezongen. We vinden van hem 'n paar "Telkes", aardig te pas gebracht in zijn proza-stukken. Daar zitten ze in de lijst en zoo geven we er hier een terug, waardoor het beter tot zijn recht komt.

"By de hird sieten al twa fen de jonkjes to knikkebôljen; it krysblok (de warmte) krige hár yn 'e macht. „Ja,” sei de Jonker, „it mantsje mei sân” hat er wêst. — „It mantsje mei sân!” sei in jonkje fen saun jier „hwet is dat?” „Ik seil it dy forhelje” wie it antwird, en do waard de jongste fen fiif jier ek wekker en do begoun de Jonker dit forteltsje. „It is in rymstikje; jimme matte goed tahearre” en de jonges loekten de eagen op en harkene nei de Jonker mei de moelen iepen.”

It Mantsje mei sân.

Dêr wie alear in âld Keuning,
Dat wie in stoefen faer,
En dy bespreek de geesten,
It wie in townaer.

En yn syn sulwren widze,
Yn side en plomkes, dêr lei
Syn lieaf reawangig soantsje,
Dat kriet mar jimmerwei.

Dy batske Keuning forflokte
Dat harterke fen in soan,
Beswarde de kweade geesten
En spriek it sâ-n-mantsje oan.

„O, sâ-n-manke kom 'ris harren" (hier)
„Strui sâ-n him yn 't gesicht."
„Toe", roap dy âlde Keuning,
„Slût him syn eagen ticht."

It mantsje mei sâ-n koam riden
Mei moeskes foar de wein,
Yn 't weintsje fen goud en side
Dêr siet hy sa edel, sa kein.

En oan syn moai rea rokje
Der hongen twa poedsjes oan:
It iene wie swarter as ierde,
It oare sa wyt en sa skoan.

Hy naem út it wite poedsje
Mar trye kerreltjes sâ-n
En struide it yn syn eagjes;
Do gong er wer nei syn lân.

En 't berntsje wreau syn eagen,
Syn earmkes waerden slop;
De sliep befong syn lidden,
En 't kin foel yn it krop.

En yn sa'n seafften doeze
Lei hy de hele nacht.
Der lei dy lytse koeze:
Gods ingels hâlden de wacht.

Sa roap hy nou alle jonnen:
„O, sâ-n-manke, sâ-n-manke, kom!"
En as de berneklok lette,
Dan rekke dat bern yn 'e slom.

Mar 't boike waerd balstjurrich
En goelde en tierre him sa;
Do gong dy wrede Keuning
Sels nei de sâ-nman ta.

„Och, sâ-n-manke," sei de Keuning,
„Wyst dou ek rie mei 't bern?"
„Och, smyt him sâ-n yn de eagen,"
„Al seil hy noait wer sjen."

Do naem hy trye kerltjes
Ut 't swarte poedsje wei,
En smiet it him yn de eagjes,
Dy dêr to grinen lei.

En 't boike slûte syn eagjes,
De eagslidden foelen yn.
Hy die se noait wer iepen:
It Keuningsbern wie blyn.

„De lytse jongens kroepden omtrint yn el-
„koarren do hja dit stikje hearden, en gongen
„dalik nei bêd, hwer de sliep har gau oer-
„mastere."

Dit eenvoudige, schilderachtige „Telke", moet
ook ouderen behagen, al ware het enkel door
de taal. Het teekent ons weer den dichter, die
't kleine mint en leeft in de jeugd. Om de
kleinen te sparen — 't is bedtijd — spreekt
hij niet van „dood", maar inplaats van „blind".

Van dezelfde strekking is

It Wiif mei de blauwe Mouwen

in nagenoeg dezelfde belijsting, voorkomende
in „De Sint-Petersboask."

Hark! hwet teistert om de glêzen?
Hark! hwet wimelt om de doar?
't Is in selsom tsjuster wêzen,
Bljou hjir wei, dou swarte moar!
Berntsjes, is 't wol to betrouwen,
't Skym'rig wiif mei blauwe mouwen?

't Skymrig wiif komt út de marren
Ut de swarte wetters op;
Oelen fleane mei elkoarren
Trog de loft op har gerop.
Berntsjes is 't wol to betrouwen,
't Skymrig wiif mei blauwe mouwen?

As de sinne yn 't wetter doeket
Stiigt hja ut de marren wei.
As de stoarm it wetter boeket
Is 't foar har in simmerdei,
En hja bromt trog mêt en touwen.
't Skymrig wiif mei blauwe mouwen.

Stikels rint hja dwers oer hinne
En oer de duorren fen de poel;
En jaget wei de lieave sinne;
En tsjuster wirdt de loft en koel.
Berntsjes, is 't wol to betrouwen,
It wiif mei de blauwe mouwen?

En kin hja lytse berntsjes fine,
Dy net nei bêd ta wolle gean,
Dy altd skrieme, en tsjiere en grine,
Dy trjouwt hja yn har blauwe klean.
O, berntsjes, 't is om to besauwen;
Dat wiif mei de blauwe mouwen?

De komende nacht wordt in dit „Telke" voor-
gesteld als „t skymrig wiif mei blauwe mou-
wen". Het adjectief „blauw" herinnert aan som-
mige oude Friesche spreekwoorden, waarin
„blauwe Fedde" als de dood wordt aangewezen.
Bekend is dat elders „berndieven" dienst doen,
om kinderen van de straat in huis en naar bed
te krijgen. Ook komt „de hardlooper" in on-
zen tijd van stoom daarvoor in aanmerking; doch
mooier is en blijft: 't skymrig wiif mei
blauwe mouwen. Daarin schuilt poëzie.

* *

Voor oudere kinderen hebben we ook nog
een en ander, heeren Onderwijzers aanbevolen,
even als *Geales Sliepke*, vroeger vermeld.

De Friesche schooljeugd, dient voor de Frie-
sche lectuur gewonnen. Daarom laten we
hier in zijn geheel volgen

De lytse Toarnbeisiker.

In earne jonge yn de wâlden,
Dy toarnbeisike oan de wei,
En song derby in aerdig sangkje;
Hy neurnte sa de hele dei.

Ja, soms begoun er loed to sjongen;
Dat klonk sa yn dy stille loan!
O, 't earne boike hie sa'n wille,
Wol mear as mannig Kenings-soan.

Mar mis! der stoeke wirk en sjongen.
Werom myn boi? Hwet is er oan?
Hy seag in syden ponkje lizzen,
Dat lei dêr sa mar oan de loan.

De earme stakker wie besauwe, (verslagen)
Do hy der goud yn 't ponkje foun.
Want trye goudene dukaten,
Dy foelen der sa oer de groun.

Hy keart se om wol hondert kearen,
Hy telt en sjogt se oer en nei.
Hy lit it toarnbeisiikjen wêze
En gong sa bliid mei 't ponkje wei.
En onderweis oan 't prakkesearjen
Hwet hy foar 't jild al keapje scoe,
Oan moaye klean en 't swiete iten,
Krekt of it jierren doarje koe.

Mar och, hy moast gau onderfine
Hwet oan sa'n stikje goud ek wie,
En koart begoun hy al to kleyen,
Dat hy mar trije duiten hie.

Ho gau wie ek dat jild forsjidde!
Yn koarte dagen hie er neat
En earm, ja earder as foarhinne
Stoe dêr it boike kâld en bleat.

Nou gong er wer oan 't toarnbeisiikjen,
Mar hy wie stiller as alear.
Hy koe gjin jolich sankje sjonge
En werom song er nou net mear?

Daarop mag de lezer het antwoord geven.
Nagenoeg van dezelfde strekking is het be-
rijmde verhaaltje onder den titel

Nimmen libbet fen oerfloed.

Ook een leerdichtje. Daarin wordt aange-
toond dat arbeid adelt en werken leven is.

In grietman libbe op syn stins
As d' earste fen it lân;
Hy hie der alles nei syn winsk,
En alles nei syn hân.

Maar in zijn overvloed gevoelde hij zich toch
niet gelukkig, leefde onmatig en ging soms
vreeselijk te keer tegen zijn dienstbaren.

Dan flokte er op 'e fammen,
As tsjinnen s' him as lammien.
Sa'n malle boi wie wer 'ris oer,
Mynhear woe út to jeyen,
Hy socht *Diana* en syn roer (hond en geweer)
Om wyld en tiid to deyen. (dooden).

't Hie reind, it bosk wie him to wiét;
Nou teag er nei de heide,
Dêr *Oeds-om* by syn skiepkes siet
En fredig pypke en breidde.

Hy rink'le mei de hân yn 't jild
En *Oeds* sei: goeden dei!
„So, *Oeds-om*! sa allinne yn 't fjild?
Hwet jowt dat wol sa'n dei?” —

„O, Jonker, neat as kost en klean
Fortsjinje ik dei op dei:
Dat is jier út, jier yn, myn lean,
Ik liz' gjin (†) botsen wei.”

(†) Er staat „myn”, doch ons dunkt dat het „gjin” moet zijn.

„Dat is 'n bytke! sei mynhear,
„Dat is gjin billik lean.”
Mar *Oeds-om* sei: „H a j o u d a n m e a r?”
Dêr koe mynhear mei gean.

IX.

Gouden is de bernewille,
Al it oare reek en tsjeaf.

Kinderen en bloemen, jeugd en lente, zijn
door onzen Dichter beide heerlijk en rijkelijk
bedacht in zijne zangen.

Geen bloemen om haar kleuren of geuren,
die groeien en bloeien in tuin en hof, afge-
perkt en opgesloten als de zangvogels in de
kooi, konden zijn open oog en vrijen zin be-
koren, maar in de ruime natuur werd zijn
dichterziel getroffen bovenal door dat kleine op
velden, wateren en wegen. Zoo ook onder de
mensen; geen hoofsche kringen trokken hem
aan, maar de vrije veldbewoner, de ongekun-
stelde dorpeling en bovenal de ongedwongen
jeugd.

De ierde is in hôf fol blommen,
't Is Gods libb'ne skilderij,

roept hij uit bij de begroeting der lente, en tot de
kinderen, wanneer hij reeds op jaren is gekomen:

Ploits de blommen, dy dêr bloeeye
Berntsjes! ploits de blomkes yet,
Ear 't de tsjerkhôfsblommen groeeye
En dy gouden tiid forgiat.

Beets zingt als hij:

Hoe zalig als de jongenskiel
Nog om de schouders glijdt.

En *Halbertsma* als van v. *Haren*:

O, dierbaar perk van drie tot zeven jaren,
Als ieder voorwerp 't oog bekoort, het harte streelt:
Och, of ze zonder einde waren,
Als alles licht, als alles speelt!

waarvan *Hofdijk* getuigt: Is het wezen der
kindsheid en heur invloed op de haar omrin-
gende wereld ooit schooner en juister uitge-
drukt in een enkelen regel?

Wij stellen er naast de verzuchting van Dr.
Eeltje:

As ik oan myn bernejierren,
Oan dat golle boartsjen tink,
Wrâld, hwet binne dan dyn skatten?
Hwet is 't goud mei syn geblink?

Nog eene vergelijking tusschen beide dich-
ters-Friezen, wijl zij hier als voor de hand ligt:

Helaas! helaas! hoe vlieden onze dagen;
Hoe spoedt zich ieder uur met onzen luister heen;
Hoe flauwe vreugd, hoe bitt're plagen;
Hoe min vermaak, hoe veel geweën!

Aldus *Willem v. Haren* in zijn „*Menschelijk
leven*” en *Eeltje Halbertsma* in zijn *Poelke*:

En lyk dyn weagen roalje,
Giet ek ús jonkheit foart:

Hoe lang is faek de smerte!
De wille? — oeh, sa koart.

Zoo is er meer in beider werken, 't welk doet denken aan verwante zielen; trouwens ook in beider leven valt veel overeenkomstigs op te merken.

Doch wij moeten terug naar

„de Terp”,

de speelplaats zijner jeugd, waarin de Dichter zijn gelukkige „bernejierren” herdenkt. Hij telde toen vijftig jaren en stort er zijn hart over uit, als over de *Grouwster Weagen*. 't Is zijn jeugd, die hij teekent.

Als knaap had hij dapper meegedaan. Hij was een echte meisjesplaag toen hij nog schoolging, werd ons meermalen verhaald.

Zelf zingt hij:

As de famkes toutsjedounsen
En de jonges pleagen har,
Waerden wy sa faek ofsnoarre:
„Dondersk jonges, sa'n genar!”
Mar wy houden ús mar dom
En wy joegen nearne om;
En hwet tochten hja der by?
Alde terp; o siz it my.

Zoo laat de dichter in elk vers een schildering van wat de jeugd behaagde, als vlinders, bloemen, lente en spel voorafgaan aan dien slotregel, *de alde terp* gewijd, waaruit de weemoed spreekt in roerende taal. Hij besluit dit schoone gedicht met de verzuchting:

Och, myn bernejierren fleagen
Lichter as it swerk foarby,
Mar dyn griene, ljeave blomkes
Binne alle maitiids ny,
En in oare nye jeugd
Het op dy wer wille en freugd;
En liz ik it libben ôf,
Alde terp wird den myn hôf.

Lit de berntsjes op my boartsje,
Blomkes ploitsje op myn graef.
Gouden is de bernewille,
Al it oare reak en tsjaef.
Is de winter rou en wyld,
Grienje maitiids bly en myld;
Bloï as byld fen Fryske kracht,
Alde terp, yn iuw'ge pracht!

En liz ik it libben ôf, Alde terp wird dan myn hôf.

Deze zielebede van den dichter is niet vervuld. Wel is na zijn dood aan „de Terp” de bestemming gegeven, die hij wenschte dat er aan gegeven zou worden en wordt er loffelijk betracht het „eert uwe dooden!” doch zelf sluimert hij er niet.

Men kent en vindt zijn ligplaats nauwelijks meer.

Geen kenlijk teeken wijst ons de plaats aan, waar zijn stoffelijk overschot in den schoot der aarde is neergedaald; geen zerk of monument dekt of siert zijn graf, geen bloempje tiert er wellicht en mogelijk heeft de dichter, die bij

zijn dood het *holle bombam oer de lege wâlden* liet dreunen, nog te veel gezegd, waar wij hooren: *Al waye nou de gersen oer dyn holle...*

Hoe 't zij, bloeiend staat in den Frieschen Lusthof zijner zangen: It Blomke „*tink oan my!*”

Al hwet forgiet, dou bliuwst ús by,
Dou lytse lieave „*tink oan my!*”

En of wy rize, sinke, driuwe,
Lieaf blier ús Fryske tael en liet;

zooals gij daarin hebt geschreven en gezongen, zooals gij die ons hebt leeren verstaan, gevoelen en genieten, o, éénige Friesche zanger, naar wien we zoo gaarne luisteren in *Leed en Wille*.

Geen zerk, gij, die „*op it grêf fen Lokke*” hebt laten hooren:

As nei in lange wile en tiid
Gjin trien mear om dy rint,
En de âlde freunskip wiid en siid
Wer nye freunen fynt,

Dan tink ik yet oan dy, myn bern,
To ier forwile blom,
Sa faek as ik it tsjerkhôf sjen
En op dyn grêfstien kom.

„Twigen” uit zijn stamme, wij denken aan U en aan den slotregel van des dichters *Sémans-sangkje*:

Forjit my net.

Het graf van *Anna Maria van Schuurman* te *Wieucerd* is vergeten, zal de nazaat ook vruchteloos hebben te zoeken naar dat van Dr. *Eeltje Hiddes Halbertsma* te *Grouw*?

X.

Der komt er as in tongerwolk
En broest út d' easter-kimen.

't Is een uitgebreid veld, waar de pennevruchten van den Grouwster Dichter verspreid liggen tussehen die van zijn broeders *Joost* en *Tsjalling*.

Gysbert's arbeid laat zich gemakkelijker overzien, wijl die op zich zelve staat en beter is ingedeeld. Bij Dr. *Eeltje* ontbreken de scheidslijnen ten eenenmale. Zelfs de tijdsorde is niet gevolgd in de *Rimen* en *Teltsjes fen de Broarren Halbertsma*. 't Geheel is een echte „Lapekoer”, waarop van toepassing moge zijn het „Verscheidenheid behaagt”, doch Dr. *Eeltje* ziet men er niet in het volle licht. En dit is eisch en recht voor mannen van beteekenis, dat zij als de monumentale hoofdgebouwen van een stad vrij en onbelemmerd op zich zelve komen te staan, om van alle zijden gezien te kunnen worden. Wij hebben getracht, daaraan te ontmoet te komen, door de Rijmen van zijne hand eenigszins te groepeeren en soort bij soort te stellen naar inhoud en toonaard.

De grens dier soorten was vaak moeielijk te trekken en blijft min of meer willekeurig. In

het motto hebben we het karakter der verschillende rubrieken eenigermate aangewezen.

Tweeledig is ons doel: 1o. Dr. *Eeltje* in zijn arbeid te leeren kennen en waardeeren en 2o. nieuwe geestdrift te wekken, inzonder bij de jongeren, voor Friesland's taal en schriften.

Wat tot dusver onvermeld is gebleven uit des Dichters ernstige zangen, laten we thans volgen, te beginnen met

De Winter fen 1624 yn it Wetterlân,

waarin begrepen zijn *It Swealtsje Forjit* en de *Liekeblommen*.

Zij vormen te zamen het hoofdstuk van den Dichter, dat bizondere aandacht verdient.

't Wie droavich near yn 't Wetterlân,
It jongfolk hie gjin tier.
Yn flouer jier gjin winter hawn,
Dat foel de minsken swier.
„It riden”, roapen se, „is 't gjin griis?”
„Dat seil ús glêd forjitte.”
„O poale, frear it hynste-iis,
„Ho fluch scoe 'k dy forlitte!”

Dat folkje wie forsiker bang
Dat roegbird ús forliet,
Omdat er flouer jierren lang
Yn fremde lannen siet.
Wylst onfordildich roap it folk:
„Men sit jins ears oan strimen,”
Dêr komt er as in tongerwolk
En broest út d' easter-kimen.

Gjin feint dy nou gjin redens socht,
De slypstien stoe net stil.
Om rie fen d' âlden waard net tocht;
De sinnen wierne op til.
De fammen roapen: „Och! 't is neat,
„De froast seil ús belitte:
„Want gean de roeken oer de sleat,
„Dan lit er 't meast wer sitte.”

Mar Noarman blies foeleindig troch,
De loft stoe spits en moai.
't Wie winter, en nou mei in sjoeh
Wie 't jongfolk oan de goai.
Jouns sprieken se de reizen ôf,
En pochten fen har riden.
Men tocht om ky, noch hûs, noch hôf;
't Wie wille oan alle siden.

De fynste pakjes masten oan;
Gjin kjeld waard nou mear fjild.
Hja glommen as de iere moarn,
En rink'len fen kâld jild.
De loaikets dy oars oan de hird
Hwet hispelje foar beppe, (spinnen voor groot-
't Is ôf dat folk betoavre wirdt; [moeder]
't Bin de earste dy har reppe.

De Friesche winter is hier voortreffelijk geteekend, evenals het jongvolk in zijn aard en beweging. En nu verplaatst de dichter ons in de stille afgelegen woning van een paar oudjes op de ruimte.

Dêr wenne fier yn 't Wetterlân
Ald Jokke en Jeltsje-moai,

Twa liuwe sindlik as de brân
En derby fier fen loai.

Ze hadden drie kinderen, twee dochters en één zoon, zoodat de boerderij geheel met eigen volk werd gedreven.

Dat libbe fredig mei'enoar
Der op dy poale hinne,
Seaft as de weagen oer de mar
Yn simmerjounen rinne.

Mar do de winter kaem yn 't lân,
Do wie dat hûs oerstjoer.

Dag aan dag trokken de jongelui er op uit, heel de provincie door en lieten het werk aan d' oudjes over of bestelden het uit.

Jouns dagen se nei meltsjen op,
Forskrouwe en út de rakken,
En roasteren de lea hwet op
By prikkefloer en takken.

Sa sloafde har dat jongfolk út:
Hja krigen hast gjin lins, (rust)
Mar eindling mast men ta beslút
Ek nei de stêd fen Grins.

Aldus geschiedde. Met hun drieën van paren werd de tocht aanvaard. In Groningerland op een dorp gekomen, waar een hardrijderij zou worden gehouden, liet een der vrijers, *Worp* geheeten, zich als deelnemer inschrijven en... won den prijs.

Dat stoe de Grinzers matig oan,
Mar 't mocht har dochts net bate.
De Friezen spanne op 't iis de kroan,
Der kinn' se net tsjin prate.

Worp gaf een flink gelag en daagde dra ieder uit. „Geyend” riep hij:

'k Wol tsjin de bêste út it doarp,
Dan ik op kowe-ribben!

Later dan men gedacht en plan had, gelijk te denken is, werd de terugreis aanvaard. 't Was al zeven uur, doch gelukkig lichte maan en voor den wind.

Hja setten nou ris tige skonk,
Dêr waard gjin iis hast roerd.

Met dat en al waren de meisjes bezorgd over de onrust thuis.

„Us heit en mem”, sa spriek in faem,
„Hwet mei dy sloawen tinke.”

Doch de vrijers antwoordden:

„Wy moat yet op 'e Leke oan,
„Wy binne nou sa ryk.
„De moanne skynt de hele moarn
„En 't iis is as in dyk.”

En de held van den dag vervolgt:

„Kom, lak!” sei *Worp*, „is mem yn noed,
„Dat seil wol wer besoarje.
„In Lekeblom moat op 'e hoed!
„Lit de âlde liu hwet gnoarje.”
Mar *Jokke* en *Jeltsje* gnoarren net,
Hja suchten om de bern.
Ho eang waard it har om it hert!

Har rie wie skjin forlern.
By in lyts foerke sieten sy
Yn 't skynsel fen de moanne,
En hearden de fortsjiermery
Fen de oelen yn 'e loanne.

Angstige voorteekenen, die licht gehoord worden door een bezorgd gemoed in 't middernachtelijk uur en in een schaarsch verlicht vertrek op de eenzame ruimte.

Ald-Jeltsje verbreekt de akelige stilte.

„Hwet is de wrâld foroare faer,”
Sa spriek de âlde frou,
„It jongfolk sjocht net mear gefaer,
„Dat is forwyld're nou.
„It lân mat sinke as in stien,
„Hwer mat dat yette hinne,
„Nei rie fen d' âlden wirdt net dien,
„Hja witte it mar allinne.
„De wrâld is, siz ik toesen kear,
„Is net as fen to foare.
„De oerdwealskens wint al mear en mear,
„De minsken binn' foroare.
„Och, bin' jinwirdig d' âlden tel?”
Sa jeuz'le Jeltsje foart,
„It libbenspaed dat is sa smel,
„De wei nei 't grêf sa koart.
„Mar dat betinkt it jongfolk net,
„Hja litte de âlders suchte.
„O, God, dy hiel de wrâld befet,
„Hâld har yn hoed' en tuchte!”
„As suchtsjen help, ik suchtte mei,”
Sa spriek âld-Jokke-om doe,
„Mar 't brocht nea himels treast to wei,
„Dy smert forlichtsje koe.
„Mar 'k haw alear in teltsje heard,
„Dat seil ik dy fortelle.
„Ho! dy troch eigen tadwaen stjeart,
„Scoe dat âld-Jokke-om kwelle?”

Wat geeft zuchten, wat baat onrust; treft onze kinderen het ongeluk, wij hebben ons zelve niets te verwijten, zegt âld-Jokke-om, gedachtig aan

It Swealtsje Forjit,

een „teltsje”, dat hij eens gehoord heeft van zijn ouden grootvader en nu ophaalt voor Jeltsje.

Zijn hoofddoel is aan te toonen, dat de ouderdom licht de eigen jeugd vergeet en er een troostend vogeltje uit den hoogen ons omzweeft in dagen van zorg, zingend *Forjit, Forjit*, wanneer we het goede gewild hebben. Voor den boosdoener in zijn stervensure zwijgt het.

Foar dy sjongt it himelske foegeltsje nit,
It treastende swealtsje Forjit, Forjit.

Zoo wijst de Dichter op verschillende gevallen, waarin het „Swealtsje” zich in zeer ongelijken zin laat hooren, doch niet alle even duidelijk en door ieder te vatten, om ten slotte met zijn gewone klaarheid het woord te richten tot zijn mistroostig en verwijtend oudje.

It Swealtsje dat op gjin swinge sit,
Mar iwich om ús sweeft troch de wrâld,
Dat heste forgotten; mar tink er oan,
De wrâld is yette sa net bedoarn.
Wylat 't jongfolk op 't iis sa swalket en swit,
Sjongt foar Jeltsje it swealtsje Forjit, Forjit.

Forjow dochs wat oan 't broesjend bloed;
Us bern bin' yn Gods hân, yn Gods hoed;
De stipen binne it foar de âlde dei,
Mar 't moaye glêdde iis bringt har sinnen wei,
En as de winter ús wer forlit,
Dan sjongt wer it swealtsje Forjit, Forjit.

Is dy dan forgotten dyn fammetiid?
Ik tink er net oan, of it hert wirdt my bliid.
Wy hoalden en rieden let yn 'e joun;
Wy waeiden er oer en roerden gjin groun;
Ho suchtte do ús âld memke yit!
Sjong op nou, leaf swealtsje Forjit, Forjit.

Na dit vermanend „zie u zelve” en het troostend „Forjit”, voert de dichter ons terug naar de jongelui, die in aantocht zijn.

* *

It wie twa oere yn 'e moarn,
Dat it âlde pear der siet;
Der kaem it folk op de opsleat oan
En song it heegste liet.
De houn dy skrabbe oan de doar,
De âlde boer die iepen;
Hja joegen har as skoayers oan
En fregen der to sliepen.

Hoe juist is die schildering van „dézen hond” en van „dít jongfolk”!

Mar Jokke-om koe har oan it loed
En roap: „Kom yn mar, bern!
„Jimm' mem sit freaslik yn 'e noed
„En joeg de moed forlern.”
Hja stoepen yn it binhûs op;
Har kleen wern' roeg berime.
Ald Jeltsje sloeg har eagen op
En 't âlde sloaf beswime.

Besauwd wie 't heele selskip do, (verslagen)
Har dochters kieten sa.
„Wat of ús memke skele scoe;
„Wol mem ek watte ha?”

Het oude sloof komt van lieverlede weer bij zinnen en de kinderen betoonen zich innig verblijd.

Ho, wie ús mem sa fen 'e set?

vragen ze belangstellend, doch zich niet vrij gevoelend van schuld, voeren ze er als in éenen adem de verschoonende reden aan toe:

't Is wier, wy binne al to let,
Mar 't wie ek hynste-iis. (paarde-ijs)

Het oude moedertje antwoordt:

„O, blydskip wie 't net bêste bern,
„Mar skrik hie 't hert beklomme,
„Dat 'k jimme anstons dêr moast sjen
„Sa mei dy Leke-blommen.
„Och! tsjerkhôfsboden binn' 't foar my,

"Deadsblommen, dea en tor. (*)

"Ik seag se earst oan ús *Mary*;

"En dêr beswymde ik foar."

Doeh 't is nu te laat, kinderen; gjij hebt rust
noodig; ga naar bed; morgen zal ik verder ver-
tellen, wat mij op het hart ligt.

* *

's Anderen morgens, toen hetzelfde gezelschap
weer vroolijk bijeen was en gereed stond voor
een nieuwen tocht, sprak de moeder:

"Earst yet myn forteltsje.

"Toaf in bytsje, blijou! ei, blijou!

"Hark nei âlde *Jeltsje*.

Wij geven het in zijn geheel.

Vooraf zij opgemerkt, dat het nu de moeder
is die vertelt (in *It Swealtsje Forjit* spreekt
het koel verstand van den vader) en dat ze
wel-is-waar het woord richt tot hare kinderen,
maar tevens, hoewel niet rechtstreeks, een ant-
woord geeft aan *âld-Jokke-om*, die sprak:

Ho, dy troch eigen tadwaen stjeart,
Scoe dat *âld-Jokke-om* kwelle?

De Liekeblommen.

Op it lytse doarp *Terkaple*

Stoe alear ús âlders hoes;

Frede wenne dêr en wille

Yn dy âlderwetske kloes.

'k Wie de jongste fen sân berntsjes,

Heit wie watte stoef en stiif;

Mar ús mem wist him to troayen,

't Wie sa'n seaft, meilyich wiif.

Yn myn earste famkes-jierren

Hie 'k in sister, ús *Mary*;

't Wie de âldste fen de keppel,

Flugger wie er net as sy.

Meltsje, swylje, boetermeitsje,

Alles fleag har troch de hân.

Dêrby moai fen liif en lidden

En sa sindlik as de brân.

Hjerstmis oer de poel to stroezen,

Nei de ky oan d' oare kant,

As de wite koppen roallen,

Dat wie 't libben nei har trant.

En hja wie sa goed, sa sedich,

Die sa graech har âlders sin;

As se winters út-fen-hoeze

Wie er ien yn 't hoes to min.

Simmers krige hja wol fryers,

Mar dy liet se meast wer gean.

Inkeld koe se Pinkster-tiisdeis

Wol nei *Snits* to keamer gean.

Mar net fier fen ús fen dinne

Yn it âlde *Goingaryp*,

Wenne *Ids*, en dy allinne

Wie har sin en har begryp.

(*) Witte kunstbloemen, die het gebruikelijk was
dat eertijds meegebracht werden door de jongelui,
die per schaats de *Leek* bezochten, waar ze te koop
werden aangeboden.

As de kjeld it wetter strjemme,
Tocht men net om kjeld en wyn.
O, ho kriigden se op 'e poallen,
't Jongfolk yn de moanneskyn.

As de wite flokken fleagen,
Wie *Mary* ek op 'e fljocht;
Alle dagen ride en djoeye
Wie dan ek har greatste nocht.

Mei har tryen jonge pearen
Teagen se nei *Grinslân* ta;
En it iis dat wie fol wjekken
En de winter moalke sa. (draaide op en af.)

Al it rieden fen ús âlden
Wie mar praten yn de wyn.
Ids dy wiste alle wjekken
En werom wie 't foar de wyn.

Mem stoe op 'e wâl to krietten,
Mar ús heit dy snoarre har ôf:
'k Seil er net in trien om litte,
"Al bring ik dy Sneun to hôf."

* *

De oare jouns begoun to kommen
En it waerd sa stil yn hoes;
Teyich wie 't en watte mistig;
Soms dan reinde it by de roes.

Aeklig roesde it om 'e skoarre,
't Kreaake op 'e skoarstien near (angstig)
En as mem yn 't mistig waer seag,
O, hja sloeg har hânnen gear.

Soms begoun dat sloaf to kritten,
Mar ús heit bleau steeg en stom;
Wy as berntsjes boarten boete (veestal)
En wy tochten nearne om.

Einling komme dêr twa mannen
En dy tikje oan 'e doar:
't Wierne ljouwe fen *Terherne*
En ús heit kaem selwer foar.

"Boer!" sa sprûk ien fen dy ljouwe,
"Wat is 't aeklig mei *Mary*.
't Griist my om it út to spreken . . .
"Mar hja 's wei . . . dat siz ik jy!"

En do sleepten se de slide
Midden oer de boethoes-flier,
En der laei *Marye* dead op,
Sonder moetse oer it hier;

Mei in Lieke-blom by 't jak yn,
't Aeklig pronksel fen de dead,
En har moaye reade lippen
Wierne nou sa blau as lead.

"'t Is Gods wille!" roep ús heit do,
"En dêr is net oan to dwaen.
"Dy myn libben en myn lust wie
"Mat ik oan de Heare jaen."

Hja wie yn de Mar fordronken,
En har *Ids* dy wie ontkomd;
Mar dy is tonei fortyge, (weggekwijnd)
Want syn fleur wie him ontnomd.

Sy waerd to *Going'ryp* begrawen,
Tichte by de âlde toer,
En de swiere klokken bromden
Heel de leege Wâlden oer.

En ús heit, om wird to hâlden,
Liet by 't grêf gjin inkie trien,
Mar it knaegd' him oan de siele;
Hy is as it stof forgien.

Jongfolk tink nou om *Marye*,
As it iis sa hearlik blinkt:
Tink dan, dat in kweade ingel
Jimme nei it grêf tawinkt.

't Is een wonderschoon Teltsje. De dichter geeft het plaats in den jare 1624, doch na het jaar tweeduizend zullen de Friesch-sprekende bewoners van onzen bodem het nog ophalen en oververtellen, daarbij dankbaar gedenkend de buitengewone talenten van onzen meesterzanger, die vooral uitkomen daar, waar hij de natuur schildert en het volksleven teekent.

XI.

Der dangelte oer de *Lange-sletten*
In spoeksel om, dêr elts fen grouwt.

't Mystieke heeft ten allen tijde onder de kinderen der menschen een bizondere aantrekkelijkheid bezeten. Al beweert men ook, dat tegenwoordig alles wordt verworpen, wat men niet kan voelen en tasten en er zelfs door de jeugd wordt gelachen om kabouters en feeën, feitelijk blijft het sprookje welkom en wordt er ook door ouderen nog wel gaarne eens geluisterd, zelfs naar spokerij-verhalen. Men noemt die ook wel sages. *Friesland* bezit er vele van die oude geheimzinnige overleveringen uit het grijs verleden, in het tijdschrift *Iduna* en elders te boek gesteld. Ook Dokter *Eeltje* heeft er een enkele sage of spokerij uit zijne naaste omgeving op rijm gezet, met de hem eigene vaardigheid. Deels is het overlevering, deels historie, wat hij geeft. De visscher, die in 't verhaal voorkomt, is volgens F. H. en H. (1890) *Auke Douwes Feenstra* en „It Famke”, waarvan hij spreekt, een dochter van dezen geweest: een zeventienjarig meisje.

De „Lange Sletten”, waar het stukje speelt, is een vaarwater in de buurt van *Wartena* en de spokende verschijning een smid van *Eernewoude*, wiens „optreden” ook door *Koldijk* en *Vd. Burg* is berijmd geworden.

Hwa is dy swalker dêr allinne
Yn nacht en dau,
Hwa mei der rinne
It hert fol rou?
Foardel de holle,
De hânnen gear;

vangt *Koldijk* aan en *Vd. Burg* besluit:

It spoeksel oer ús petten,
De man der Lange Sletten,
d' Omdoarmer yn ús wrâld,
Seil ninter stoun fordwine,
d' Ofbeane rêst earst fine
Mei d' ein fen Earnewâld.

Na deze toelichting geven we Dr. *Eeltje* het woord:

De Langeslettemer man.

Oer *Earnewâlde's* roege petten,
Dêr oel en roerdomp nêsten bouwt,
Der dangelte oer de *Lange-sletten*
In spoeksel om, dêr elts fen grouwt.

In swarte tabbert om syn lidden
Stapt hy der nachts sa earnstige roun,
En liket fol berou to bidden,
En digert jimmer nei de groun.

Dêr hat foar lange âlde tiden
In smid to *Earnewâlde* wêst,
Dy wezen útsoegd hie 'n útriden;
Nou het er yn it grêf gjin rêst.

De baes siet fol fen kweade lagen,
In abbekaet dat wie syn hoal. (daar heulde hij

[mee)
Ek waard der fen de kweade dage: (gedaagd)
Dy teistert him nou as syn boal. (beul)

Hy het der earne in skat begrawen,
Mei list en skelmerye woun,
En as de oelen en de rawen
Dwaelt hy der mannich nachten roun.

En dy him sjogt dy is forplett're,
Hy is de skrik fen lyts en great.
En dy 't net leauwt, dy wirdt forkett're;
'n Oerkom'ling is 't, dy leauwt oan neat.

Net ien giet dêr oan wâl to loeken;
Want elk is bang foar d' âlde kwant;
En sjogt er hantsje-riis of stroeke (heestergewas)
Hy skowt forbaesd nei d' oare kant.

De fammen seille him oars net hate;
Want komt de frijer snein-to-joun,
Dy seil noait fen gjin skieden prate,
Sa lang de sinne is ond're groun.

De strúnners seill' har ek net pleagje:
Gjin minske reisget dêr by nacht,
Dy seoe er ongenedig reagje,
Want fwieh hâldt dy man dêr wacht.

En fen geslachte ta geslachte
Sjen hja dy kweade smid dêr gean,
En op de inkelde gedachte
Dan barne har de kâlde klean.

Mar jammer is it om to hearren,
Ho dat in famke, earne sloaf,
Trog dat forskynsel koam to sterren,
En 't offer waard fen 't bygeloaf.

It famke.

Net fier fen de *Garyper* rekken
Der lei in aek yn 't reid,
In fiskerman siet by syn dochter
Dêr yn dy ienlikheit.

't Wie op in moaie sneun-to-jonne
En yn de ongetiid; (hooitijd)
De sinne nûgde nei de kûnen,
En alles swyle om striid.

Do sei de fisker tsjin syn dochter,
 „k Wol moarn nei tsjerke ta
 „En tsjen ik joun nei *Earnewâlde*,
 „Mastou de wacht hjir ha.
 „En komt er faek in ongetfider, (hooier)
 „Lit dy dan ek mar oer.
 „Dou moaste al-to-met útkypje;
 „Licht krigest yet in stoer.”

In kâlde mist teag oer de mieden (lage hooi-
 Mei 't fallen fen de joun, [landen]
 En oer de toppen fen de duorren (doeren, hoog
 Dêr dwaelde in minske roun. [soort liezen])

Nou skow hja gau nei d' oare side,
 Mar 't skynsel dat forskeat,
 En stoep bedaerd mei lange tredren
 Dêr oer dy wide feart.

Forskrickt, forheard, alhiel forbjustre
 Wie do dat jonge sloaf.
 De siken stoeken, 't herte tikke,
 Har lea dy waerden doaf.

Mei moed skow hja nei *Earnewâlde*,
 Dy lange, lange wei,
 En hwer hja trog de dauwe dig're (starend zien)
 It skynsel folge nei.

Men stelle zich den toestand voor van dit arme meisje en men kan begrijpen, dat „it sloafke healdea” bij haar vader verscheen, dien ze haar nood klaagde, doch de vader, als meer Friesche karakters door onzen dichter geteekend (men denke aan *Jokke-om* en *Sierd-Anes*), toont geen deernis of medelijden, maar gaat er met zijn „stege sin” dwars tegen in, wat de dichter aldus verhaalt:

Mar do de faer har reden hearde,
 Do wier dêr gjin forskoan.
 „Hwet scoe dy âlde spoeke dy leare?”
 Sa spriek dy hirde faer,
 „Al komt er by dy yn it boatsje,
 „Wol, der is gjin gefaer.
 „Kinstou dy ek sa lizze litte
 „Mei al dy foeken, sei?”

„Goed” gesteld boven „bloed”, vele mensen eigen. Het meisje moest terug.

Har broer, in beuker fen in jonge,
 Gong do foar selskip mei.
 Hja kamen yn de aek to lanne,
 Mar 't wie fen lytse dioer.
 Twa dagen het it hartke libbe,
 Mar oeh, do wie it oer.

De skrik, de skok hie har oermast're
 En 't jonge hert stoe stil.

Nou is 't geloaf dêr yette greater
 Oan 't spoeksel fen de nacht,
 En fwich hâldt yet by dy sleat om
 Dy âlde smid de wacht.

Verder wordt de dood van het meisje natuurlijk niet op rekening gesteld van den vader, die manmoedig spotte met het oude spook, maar op die

van het bijgeloof, dy *gleaune gîselroede* van zijn dagen, ook heden nog niet in algeheele vergetelheid.

XII.

O, *Beslinga*, o edele State,
 O, Lusthóf fen de Fryske groun.

Sint was een rijk vrijgezel, die woonde te *Huizum* bij *Leeuwarden*. *Pontsjer* (*) was zijn vroegeren scheldnaam, dien hij als „van” had aangenomen; 't wist wat hij doen kon, om er geen last meer van te hebben.

In de wandeling werd hij „Sint Fry!” genoemd, wyl hij immer pochte op zijn vrijheid; door zijn geld toch was hij onafhankelijk en van vrouwen wilde hij niet weten.

Want bongels binn' 't foar liuwe mar;
Dy hoef ik omers net,
En ongelokkig neam ik har,
Dy s' oan de skonken het.

(*) *Pontsjer* is de boom of paal gelegd over den wagen hooi, om de lading met behulp van touwen stevig vast te kunnen zetten; in 't zuiden der provincie noemt men hem *wizebeam*, omdat hij tijdens het laden recht uit achter den wagen ligt en de lader er zich naar richt bij den opbouw van „het voer” of „de weide”.

Sa praette *Sint* dan by de wyn
En as in frygesel

Mar do er seis-en-tritig wie,
Do waard it ding dochs oars,
En ien dy wyt yn d' eagen hie,
Dy krige him by de noas.
Der wie in jiffer yn de *Skrans*, (te *Huizum*)
In minske as málke en bloed,
Dy wie him al to folle mansk,
Dy flapte 'im ond're hoed.

Men sei, dat hie *Cupido* wrocht,
Mar och, hja die 't him sels.
Twa eagen, dêr sòk floer útflucht
Bringt mannig oan 'e pels.

Yn 't koart, *Sint Pontsjer* krige 't wei,
Moai *Lena* waard syn wiif.
Hja naem in hopen snaren mei,
Mar oars hie 't neat om 't liif.

En o, dy lieave boaletiid,
Wat wie dy red forroun!

In ingel wie se in wike of seis,
Mei toalf do wie 't syn wiif,
En ear der twa jier omroun wie, —
Do waard se steatlik stiif.

De moaye troanje dy hja hie,
Dy koe er net mear sjen,
Mar kant, dêr se yn bewoalle wie
En side en lint en jern. —

Het werd een madame op straat, maar in huis contra.

It wie wat moais by elk-en-ien,
Behalwen by har man.

Kapteintjes en Jonkers zochten haar gezelschap, daarmede ging ze zelfs uit rijden, doch 't eind droeg den last.

Op zulk een rit raakte het tweespan met den wagen te water en mooi *Lena* brak een been en verloor een oog bij 't ongeval. Kreupel en half blind als ze werd, kwam ze tot bedaren, want geen heer zag meer naar haar om, zij bleef rustig thuis en *Sint* wist te vergeten en te vergeven, zoodat vrede en geluk terugkeerden in de echtelijke woning.

„Begrepen?” zei *Gabe*.

„Dou wist er altijd rie mei,” antwoordde de student.

„Ja,” zei *Gabe*, „dy in bryk pleit hat, dy mat in kwea abbekaet wêze.”

Nagenoeg op dezelfde leest geschoeid, doch gansch anders ingekleed en met minder bevredigenden einduitslag, is het berijmde verhaal, waarin

Ald Greult-omme

als hoofdpersoon optreedt.

Ald *Greult-om* wenne yn *Ticellegea*, (bij *Sneek*)
Dy hie hwet efter 't linnen,
Mar hearstmis wie er meast heal dea,
Den hie er frjemde sinnen.

Aemborstig als hij dan was, wat hij toeschreef „aan 't stoffig hooi”, dachten de erven, waaronder die naar zijn dood of liever naar zijn kapitaal verlangden, dat hij het wel niet lang meer zou maken.

Hy wie nou twa en santig jier
en 't was weer herfst en mis met de oude.

Mar 't waerd net folle achte.
„Och!” sein de boden, „'t is hearstdei;
It is wer de âlde klachte.

Mar 't lyke slimmer dizze kear:
De âldboer dy bleau mar lizzen,
En alle lidden dien' him sear,
Hy wie hast net to rizen.

En hetsig wie dy âlde man,
Hy dronk mar farske soepe.

Karnemelk en wei golden bij Dr. *Eeltje* als de beste medicijn voor gezonden en zieken. Aan 't geregeld gebruik daarvan schreef hij het voor een groot deel toe, dat er onder de boeren betrekkelijk zoo weinig ziekten voorkwamen en zoovelen hunner hooge jaren bereikten.

Doch *Ald Greult-om* scheen dit middel niet meer te zullen baten, hij werd steeds zwakker, vroeg eindelijk de sleutels, maakte beschikkingen en wees zelfs zijn doodskleed aan.

En testamintsje mast er ek:
Notaris moast bestelle,
Dat al syn spul koam yn 'e heak,
Ear 't him de dea behelle.

De landerijen vermaakte hij aan zijn erven.

Syn lytsaem tsjinne him hwet skoan,
Dat koe men heel wol merke;
Dêr makke er toezen gonne oan;
In miedstik oan 'e tsjerke.

Dokter kwam trouw en maakte voor zich ook al een goede rekening, omdat het er wel aanzat en er van de gelukkige erven, die toch genoeg kregen, geen aanmerkingen waren te vreezen. Medicijnen geen gebrek.

Mar soepe hâldt *âld Greult* him oan,
Hy woe gjin dranken hawwe . . .

Af en toe kreeg hij nog een kleine versnapering, die de meid hem ongemerkt wist toe te schuiven.

Syn bern en bernsbern koamen op,
't Wie merke by *Greult Rommerts*,
Fen *Offencier* en fen de *Top*,
Fen *Drylst* en *Heeg* en *Hommerts*.

Dat spriek der mar de flesse oan,
De frouliu kofje drinke;
Net ien syn mage wie bedoarn;
Hwet snienen se yn de skinke!

It flêsk dêr snien se net bytroch
Der waerd mar tyge yn fege.

En klontsjes as in lytshûs, man!
Dy soec ik hast forjitte.

De aeyen treauwen se yn 'e hoed,
De boeter yn 'e doeken;
De tsjiezen stielen se fen 't boerd,
Trogssnuwden alle hoeken.

Den gongen se nei *Greult-om* ta,
Sahwet om him to treasten,
Hy draeid' him om en knikt har ta;
Ynwindig koe 'r de measten.

Zoo trokken ze af en aan.

En onderweis, dan gong it mál,
Den koen' se oan 't fjuchtsjen reitsje;
In earne sweager wearzen se al:
Dy stakker woe al pleitsje.

Yn 't ein, hia lizz' him yn de bank,
Der woe er oars net hinne;
Der roun ek bygeloaf mei mank,
Lyk as dy âlden binne.

Twee buren waken nacht op nacht aan 't ziekbed. Twaalf nachten heeft het algeduurd en vurig wenschen de inderdaad vroede mannen naar het einde van den armen lijder, doch deze, na een verkwikkenden slaap van den voornacht in den vroegen morgen ontwakende, sprak onverwacht, dat hij gedroomd had van „spek en skinke” en honger gevoelde. De eene bewaker zag de ander aan en dacht: *Scoe boorman haze? IJlen?* Dat niet, integendeel, zelf wijst hij hen aan wat hij verlangt en waar 't staat in de kast.

Ilja fine op it onderst boerd
In alderedelst krouske
Fen 't alderdreegste bargeguod,
Fiks onder 't smoar besouske.

De buren vreesden wel dat het te kras zou wezen, doch *Greult* hield aan.

Hy sei: 't Is kost dy helpe kin,
Dêr hie 'k al lang op long're.

Hy nimt in fine boale yet
Om 't pantsje om to feyen;
Hy waerd gesoun en mei in snijt
Wie 't kreunen oer en 't kleyen.

De buren trokken beschaamd af en de knecht, die hen de deur uitliet, beter wetende hoe de vork er in den steel zat en welke verrassing de naaste toekomst allicht nog zou brengen, sprak schertsend:

„De âld boer mat jouns in soepke ha,
„En nêst de lytsaem sitte.
„Dy streaket en dy streelt him sa,
„Dat kin gjin minske witte.”

Al de erven bleken verslagen, toen zij hoorden van 't onverwacht herstel en sterker nog trof hen, wat er spoedig volgde.

De winter dy foel einling yn,
En *Greult* mast ek 'ris ride;
't Wirdt sterker, en hy nimt syn *Tryn*
Mei yn de hynstslide.

Heel *Tweellegea* koam op in ein
en ieder sprak er over, spottend met de erven

en bewakers. En „t bargeguod" werd niet vergeten. Maar *Greult-om* reed de familie rond en maakte haar bekend, dat hij voornemens was een wettig huwelijk aan te gaan.

Sein al syn bern al: „Heit is mis,
Hwet wol je onderwine?"

Greult sei: „Hwet ien allinne is,
„Dat moast ik onderfine.

„Dy twa-en-santig jierren het,
„Dy ken yet tweintig krye.
„Ik haw myn sin op *Tryntsje* set,
„k Wol sa net langer lye."

Tranen en verwijten volgden, doch d' oud-fries hield de kop er voor.

Sa rekke *Greult* ta mannig spyt
Oan 't wiif, en ek er onder.

Hy rekke lân en grounen kwyt,
En ek it hypochonder.

Want *Nynke* libbe er hearlik fen
En hie in earm famylje,

die zoetjesaan met het kapitaal ging strijken, zoodat er voor de erven ten slotte niets meer viel te deelen. Dit was zeker verdiend loon en in zoover kunnen we er vrede mee hebben, doch liever hadden we gezien, dat de dichter geen „vader en kinderen", maar inplaats „oom en neven" had gekozen.

IV.

Hy tocht net mear om fryery,
Want 't ballet ôf sa'n set.

De Blauwe Skine

is een verhaaltje, dat heel wel historisch kan wezen, al klinkt het in onzen tijd van verfijnde manieren wel wat vreemd, voor wie niet bekend zijn met het plattelands-volksleven. Er zijn wat grappen uitgehaald in den goeden ouden tijd, toen men zich in kleiner kring dan thans moest bewegen en vermaken. Ongestraft kon een hooiwagen boven op de schuur geplaatst worden, gelijk *ald-Jan-om* verhaalt, terwijl thans het betreden van iemands erf reeds gevangenisstraf tengevolge kan hebben. Zoo scherp heeft de wet de lijnen getrokken en met de Zondagsavonds „vrijheid-blijheid" van voorheen is 't eigenlijk gedaan. Grappen als „de Blauwe Skine" behooren ook tot het verleden, hoewel het thans nog is als toen, dat de stumperts veeltijds het gelag moeten betalen en bovenal de stumperts in de vrijagie, gelijk *Oege* er een blijkt te zijn, van wien *Halbertsma* ons het volgende verhaalt in vloeiend rijm.

Oege wordt ons geteekend als een type van weinig verstand en veel verbeelding. Een „bies", dat is een schalk, maakt hem wijs, dat hij in voorkomen, kleeding, geld, kortom in geen enkel opzicht behoeft achter te staan of onder te doen voor de jongelui uit de buurt

en dat hij onder de meisjes „te kus en te keur" kan gaan.

En Oegeman, dy roun dat praet
As lye málke yn d' earen.

Op *Nonkesboarren* wenne *Tiet*,
In fanke as in loage;
Dy 't hert op 't echte plakje siet,
Dy alle man fortoage.

Dy har mar seag, dy wie forjown
Trog 't gloeren fen har eagen,
Sa dat de feinten joun op joun
By swermen nei har teagen.

As bykes fleagen se er op oan,
't Wie of se er hunig roekten,
En of 't har eagen blier en skoan
Mei syd'ne tridjes loekten.

Jandoric, *Oege*! dêr is lucht,

„daar moet je Zondagavond heen, je zult er welkom wezen", en jawel man, hij werd gewonnen voor *Tietje*, doch vóór de veelbelovende Zondagavond aanbrak, waarop de boter geld zou gelden, had de looze vriend de vrijster laten weten, of liever wijs gemaakt, dat *Oege* leed aan een besmettelijke ziekte, welke men tegenwoordig wel op borden in de weide kan lezen, waar schapen grazen, zoodat ze gewaarschuwd was en op haar hoede kon zijn, wanneer hij eens bij haar mocht aankloppen.

* *

't Wie op in lette hearstmisjoun,
En 't wie mei ljochte moanne,

dat *Oege* vol blijden moed de stap zette.

Hy stoep krekt as in hoanne.

Syn Sneinske pakje hie er oan,
't Geloosje op 'e side,
Der hongen skipke-skellen oan,
Mei rúterkes dy ride.

Hwet rink'le er mei syn foest fol jild!
Hy wie ek lang net loai;
Hy waeide oer it *Nonkesfjild*,
Syn stappers kreak'ne moai.

Dan fage er him de plúskes wei;
Dan seag er nei syn skonken,
Of ho syn sulw'ren kjetting lei,
Of ho de skellen blonken.

Men zal toestemmen, dat de parmantige vrijer in deze regels naar 't leven is geteekend, men ziet hem stappen.

Als gebruikelijk, gaat de vrijer voor zijn entree bij *Tietje* eerst een herberg binnen, dien hij op zijn weg vindt, om een „zoopjen durfs". Daar treft hij, zoo 't heet „toevallig", zijn „raadsman en vriend" *Hearke*, die met hem dronk en klonk.

En *Oege* loek in koele yn 't glêd,
Hy gloeide as in trompetter. (rood van angst)

Mar eindlings ropt de kastlein:
„Acht oeren, feynten! wyt je?"

.

„Kom ja,” seit *Hearke*, „ik gean mei.
„k Wol nei de wite wringe; (draaiend hek)
„Dat leit ek krekt op *Oege* wei.
„k Seil him oan 't him ta bringe.”

Dêr stoe er einling foar it him,
Syn skriften hert dat tikke.
„Kom flink!” sei *Hearke*, „gjin gekliem!
Toe, luftig om de hikke.”

De bies, die de strikken gespannen had,
wilde zeker zijn van zijn vangst en was hem
daarom aanmoedigend gevolgd zoover hij kon,
om verder de kat uit den boom te kijken.

Oege gaat de hieming op.

„Joun, foltsen!” rôp er oer 'e doar;
„Binn' jimme soun hjir yette?”

En *Tietsje* siet krekt by de hird,
Hja glimde as in ikel,
Hja sei yn 't earst gjin inkel wird,
En seag krekt as in wikel. (roofvogel)

En toen de vrijer iets vroeg, kreeg hij barsch
bescheid. Geen stoel werd hem gepresenteerd,
zelfs een pijp tabak geweigerd.

Dat joeg mar brân en ongemak,
Dat woe har heit net lye.
Fen 't stroukjen koe men ek net ha,
't Besleek dat wie misleerre.

Usance was het, bij zulk een gelegenheid
pannekoeken te bakken.

De onschuldige en verblufte *Oege* begreep
er totaal niets niemendal van en toen hij in
zijn verbouwereerdheid zelf een stoel wilde
nemen, riep *Tiet*: hou, tankje! en vervolgt:

„Hwet jou mankearret wit jou bêst;
„Ik hoef 't jou net to sizzen.
„Ik ried jou, gean yn 't poepenêst (bed voor
„Dêr op 'e kowstâl lizzen.” de maaiers)

Forwêzen striik er him om 't bird,
En woe yet ien wird sprekke;
Sy grouwd' him ta: „Net by de hird!”
En griep de tang', dy fêkke.

Beteut're stoep er 't milhoes út
En sei: „Joun faem, ik gong.”
En roun by tsjuster ta beslút
Oan 't liif ta yn de dong. (mesthoop)

Hy spielt him yn it sleatsje ôf
En pangelt trog de miste.
Hy flokte op *Hearke* yn 't tsjuster hôf
En woe, dat nimmen 't wiste.

Thuis komen durfde hij niet voor half drie
in den morgen (vrijersklokke); tot zoolang
vlijde hij zich neder onder „d' oes fen 't hea”
(overstekend gedeelte van 't dak over de hooi-
schelf) en klopte toen aan.

De faem sei: „Wolkom thûs fen *Tiet*;
„Dat haw jy feardig makke,
„Mar man! jou stjonke en binn' trogwiet;
„Binn' j' yn de jarre rakke?”

Om het kwaad te bezweren en niet in op-
spraak te komen, zegt hij:

„Dêr hêste in kroon, en spiel de klean,
„En swy! dat kinst wol tsjoegje.
„Lit *Hearke* mar út fryen gean;
„Noait hearste it wer fen *Oege*.
„Ik haw in blaue skine opdien,
„En 't hat my kwealik smakke.”
Mar *Hearke* wie nei *Tiet* tagien
En hie him skoan formakke.

Meer en beter bekend, nog vlotter berijmd en
origineeler van vinding, dan de voorgaande
kluchtige scènes, is

Murk fen Ypecolsgea,

door den heer *T. G. v. d. Meulen* bewerkt voor
het tooneel en opgevoerd bij de jongste feest-
viering te *Grouw*. 't Is een echt komisch
stukje met veel actie, 't beste van dezen aard,
door Dokter-om geleverd. Al de personen die
er in voorkomen zijn vermakelijke types, inzon-
der *Murk*, de hoofdpersoon en de spil om wien
alles draait.

We vinden hem in de twee eerste coupletten
meesterlijk geteekend.

Yn *Ypecolsgea* wenne *Murk*,
In rike boeresoan;
Hy hie de diwel fen it wurk,
Syn mem hie him bedoarn.
Hy waard ek wol *Murk Ropper* neamd,
Omdat er heislik skreaude
En faek tsjin alle reden oan,
Om nietigheden kreaude.

Nei folle merken reisge er ta
Mei boesefollen jild;
En fryster moast er altiid ha,
Sa teag er dan to fjild.
Dat gong him meastal kwalik of,
En mannig gloepske makker,
Dy laette *Murk* dan om it hôf;
Want hy wie oars in stakker.

In dit opzicht gelijkt hij *Oege* in 't vorig
stuk, doch *Murk* is ruwer en minder de type
van opgeblazen onnoozelheid, dan wel van
domme trots.

De tweede persoon is „*Foek fen Heeg*”,

Die mear seag as in oar,
Alteast dêr gong hja foar.

Murk laat zich door haar de kaart leggen,
want het liep tegen Leeuwarder kermis en nu
wilde hij vooraf zijn lot wel eens weten, dat
anders berustte bij zijn onbetrouwbare vrienden,
die hem al zoo dikwijls in 't oortje hadden ge-
nomen of in de mist gevoerd.

Om „zeker” te zijn vervoegde hij zich dus
bij „*Foek*”, die hem op de gebruikelijke wijze
de kaart lei, doch zoo mooi, dat *Pieter Jelles*
haar naam als zoodanig heeft hooggehouden
bij de Friezen.

Voor onzen vrijer luidde de profetie als volgt:

„Dou kryste in siden mantel om;
„Seilst mei in jiffer ride.
„Mar leau my, greate Beinte-soan,
„Net ien seil 't dy benyde.”

Murk had meer oor gehad voor „den zijden mantel en de jiffer”, dan voor de rest der waarzegginge en was zoo in de wolken met het blijde vooruitzicht, dat hij er een extra glaasje op kocht en spoedig een aanzoek waagde.

* *

To *Snits* der wenne in winkelier,
Dêr hien' se folle komste;
Dy man syn hûsgesin wie swier,
Hy hie it net fen 't romste.

De dochter *Rinske*, „in snedig ding en mansiek net gering”,

Dy freege *Murk* op Ljouwerter-merke
Om mei him út-to-riden;
Har oanstean hoefde er heel net sterk,
't Wie rekke oan beide siden.

De moeder van *Rinske* is wat in haar schik met de „onderscheiding”, die haar dochter wacht.

De frou roap al har boarren ta:
„Heww' jimm' 't al hoard fan *Rinske*?
„Die sal na *Lieuwerter* merke toa,
„Die het alheel hoar winske.
„It is in seun fan groote Beint,
„It binne rike maats
„Ik weet wel, 't is in boere-seun,
„Maar dat ken *Rins* niet bruije;
„Sien ouders binne kloek en deun,
„Die heww' wat in te struijen.”

Zoo was het destijds, „rike boeren” en „keale stêdliu”.

Altiid binne de boeren dronken,
Altiid binne de stêdliu gek,
Altiid kluwe de borgers bonken,
Altiid ite de boeren spek,
is een kermisdeun van die dagen.

* *

De merke dy kaem einling oan,
En dêr koam *Murk* yn hoës.
Hy hie in gloedny pakje oan
En boesjild by de roes.
Hy hie in lange rok oantein,
Dy sloeg him op 'e koeten;
In boesdoek oan de tip útsnein (uitgesneden of geborduurd)
Dy hong er healwei boeten.
In machtig greate fine hoed
Siet him yn d' eagen del;
De rânne like in wetterboerd, (*)
Dy hong er sloek by del.
Hy wosk him oars sa daegliks net;
Oars net as sneins foar tsjerke;
Nou sparre er ek de sjippe net,
Hy glimde as in jerke. (mannetje-eend)

(*) Een benaming, ontleend aan 't schip en wel aan planken, die er opgezet worden, om geen water over boord te krijgen.

De faem dy seag al nuwer op,
Want it postuerre raer.
Sy like oars gans in modepop:
Dat like sonderbaer.
Och, *Murk*, gaen jou na buten to,
Om 't riitweg klair te maken.
De minsken siën' as 'k weten't hoe,
Der binn' hier rare snaken.

De modens hier of op it lan,
Dat is in ander ding
En die him dan niet schikke kan,
Dat is in sonderling.
Dan gaen ik mar it bolwerk om,
Dat my gien minsken siene.
Want as ik daer met jou an kom,
Wat sidd'n de minsken miene?

In de naaste omgeving heeft de gelukkige praatzieke moeder dus blijkbaar succes gehad met hare verhalen, doch wat „zijn” *Rinske* verlangde,

Dat noaske *Murk* mar just sa wat,
Mar dochs hy die 't om har.
Hy tochte, bin 'k mar boeten gat,
Den ha 'k myn eigen kar.

Dan heb ik het te weten en stel ik de wetten, wil hij zeggen.

Aan de buitenzij der stad gekomen, wordt ingespannen en steekt het paartje van wal.

Het „los de touwen”, steeds schertsend gebruikt, had hier raison, want de voorzichtige en bezorgde ouders hadden „Murkje” niet laten uittrekken met een eigen vurigen viervoeter, maar om zeker te gaan, hem een huurpaard laten nemen, beter gewend aan 't klappen van de zweep en 't kermisgejoel. Alzoo lezen wij:

In âlden hierknol foar de sjeas,
Dat bong'le er sa wat hinne,
Mar *Rinske* wie bisonde kreas,
En hie it wird allinne.
Want, o! it wie sa'n snippen faem;
Mar hy wie grutsk en dom
En wat er yn de moele naem,
Dêr tocht er meast net om.
Hy gong to jow net mei sa'n spil
En mei sa'n faem to fjilde! (niet voor niet)
De stokliu moasten op 'e dril, ('n stokmantje is jild moast it joed 'ris jilde. 'n gulden)
Hy dronk moarnsier al reade wyn,
En smiet de helt hast wei,
De middeis wie it heal in swyn,
It stedfolk pieuwd' him nei.
Yn 't allerheegste logemint,
Dêr moast it pear do ite.
Hy siet oan tafel as in Drint,
Hja woen' him dêr wol slite.

Het laat zich denken, dat de berooide *Murk* in deftig gezelschap aan de open tafel geen gewenschte verschijning kon heeten.

Tegenover het paar zat een aardige officier, die *Murk* maar inschonk en tot drinken aanspoorde, terwijl hij met *Rinske* zoete woordjes wisselde, die ten slotte, toen het met „Beinte-

soan" in 't malle liep, zelfs een handje ging meehelpen

En *Murk* waerd onder 't iten wei.
 Sa dat er skielik snoarke.
 Nou kui'ren *Rinsk* en de Officier
 Plesierig trog de stêd.
 It skieden foel har heel net swier,
 Want *Murk* siet dêr foar slet.
 En d' officier wie wol yn 't skik :
 Dat folk hâldt meast fen slinen ;
 Hja rinne folle op 'e slik
 En dat yn oarliu's spinen.
 Mar dy man hâld' him opperbêst,
 Dy brocht ús *Rinsk* yn 't skip.
 En *Murk* dy smieten se op it nêst ;
 De doar koam op de knip.

Daar lag *Murk* in een vreemde wereld, zonder te weten hoe daar gekomen te zijn. Toen hij in den avond ontwaakte en de deur gesloten vond, begon hij vrees'lijk te schreeuwen, te vloeken en te schoppen.

Hy wie alheel forheard, ont dien ;
 Hy niend', hy siet yn 't hok !
 De feint rôp : „*Poerke, sjop so niet ;*
Je pin noch niet kefangen.
Vor louter sjaamte ind verdriet
Is 't meiske al fort kefangen.
Is that, kottorie, sùpen, poer ?
It is te slim, minhear.”
 Sa hikk'le him dy Duetsker oer,
 Dy kaem him op it lear.

Maar toch bleef hij „dienaar”.

Hy poetste him syn klean wat út,
 Hy joeg him thê en wetter.
 Dy wosk en kjimd' him ta beslút
 En do wie *Murk* wer better.

Uiterlijk weer „de” man, bleef het inwendig spoken en wist de beschaamde vrijer met zich zelve haast geen raad :

Hy tocht om 't wird fen *Fock* to *Heeg* :
 „*Seilst' mei in jiffer ride,*
 „'t Is wier, dou âlde hellefeeg,
 „Gjin mink seil 't *Murk* benide.”

Zoo ver was de profetie van de waarzegster vervuld ; er restte nog :

Dou kryst in siden mantel om.

Wat dat beteekende en daar achter kon schuilen, begreep hij wel niet en — deed ook minder ter zake, toen hij bij zich zelve had gezworen :

Mar dat oerkomt my net !

Hij zal het niet weer in den drank zoeken, want die is oorzaak geweest van zijn ongeluk, zoo wijs is hij en daarom zal hij het laten bij één fleschje wijn, dat hem geen kwaad zal doen.

Zoo redeneert de wijsgeerige *Murk* en schenkt zich het eerste glaasje in. Al drinkende komt de dorst en geldt de kermisdeun : „niet naar huis toe gaan, of de flesch moet ledig op de tafel staan”.

Hy koam wer trog de wyn
 in dubbelen zin, doch toog niet naar huis,

Mar dwaelde trog it merkgekriel
 Trog al dy minsken hinne ;
 Hy tocht de merke-skiere-iel
 Dy seil to nacht wol rinne.

Hij zou nog wel een meisje van plezier vinden, dacht hem en lang liet deze niet op zich wachten. Dra was hij aangespannen en ging het gearmd vooruit, naar een optrek in een voorname straat, waar het er waarlijk deftig uitzag.

Dat kin in keamer hjitte,
 zei hij opgetogen en zeer voldaan over zijn aanvankelijk succes.

Maar wat is het geval ; 't huis waarin hij zich bevond, behoorde aan twee zusters, al op jaren, die bij hun broer in de stad ten eten waren en dan niet voor middernacht thuis kwamen, wat aan *Murk* zijn „liefje” bekend was, die er vroeger gediend en een sleutel van 't huis had. Zij sloop er wel vaker binnen, om zoeternij en drank te kapen, als ze wist dat de dames uit waren.

Hja fynt al gau de brandewyn
 En jowt him mar to drinken,
 Hy wie mei 'n oere wer in swyn,
 Lyk as wol is to tinken.

Hja puollet him de boezen út,
 Ontnimt him rok en hoed,
 En lit him roalje ta beslút
 Yn 't bêt, gerêst en goed.
 Mar do begoun yet earst syn kruês !
 Wylst hy dêr leit to sliepen,
 Dêr komme de âlde jiffers thús
 En dwaen de doarren iepen.

Hja gongen meast by moanneskyn
 Sa sonder ljocht to koai,
 Har nachtgoed lei den op 'e wryn, (bed)
 Heel eptich yn de ploai.
 Dat knoff'le dêr al jierren om,
 Jouns yn it tsjuster hinne.
 Foar oalgebarnen wiern' se bang,
 Hja woen 't er fyn útspinne.

De jongste stoep de keamer yn
 En sei : „*Hoe hew 'k it hier ?*
Hier stait in fles met brandewien :
Hest dou dair toe iceest, Knier ?” —
 „*Hea, Styntse ! ikke brandewyn ?*
 „*'k Hew ommers seere biinnen,*
 „*Ik braukte it in geen fair of tien.*
 „*Ho stootst it uet de schiennen ?*”

„*Mistiët ! wat stait die stoellen rair !*
 „*En 't bedgordyn is scheurd.*
 „*It wudt my mistlik, icee, en nair :*
 „*Want hier is wat gebeurd.*”
 Hja giet nou op it bedsteed oan,
 Om moetze en jak to kryen :
 Mar taest op Greate-Beinte-soan
 En do begoun it lyen.

Do goelje en moardsje: „*Dieven hier!*”
Hja tomm'len oer elkoar.
De boarren koamen yn it spier,
De rottelwacht foar doar:
Hja stiiik'ne gau lantearnen op,
In swird moast op 'e side,
„*Kom,*” sein se, „*fris er mar op los,*
Him sal de duvel ride.”

De rottelwacht dy spriek him oan
En sei: „*Wat doestou hier?*” —
„*Och! ik bin greate Beint syn soan,*
Ik bin hjir foar plesier.” —
„*Wy weten hier fen greate Beint*
Of fan syn seun gien donder.
Mar earlik biechte sueste, feint,
Of dou raikst in 't fooronder.

Dou maikste hier in nachtgerucht
By groote loi an hoes,
En 't is oek lang gien merkeklucht;
Die boel is hier niet plus.”
Hy biecht ek alles wat er wist,
Dêr wie net tsjin to kriemen:
Mar do er jild en kleen ek mist,
Begoun er loed to skriemen.

Dêr stoe er nou yn d' onderkleen;
Ho graeg skow *Mark* de flint!
Mar sa doarst hy dochs ek net gean
Yn sa'n great logemint.
De rottelwacht seag yn in kast
In âlde siidne tabbert.
„*Dair!*” sei er, „*hang die an dien bast;*
Dat is nog krekt soa'n swabbert.”

Hja sjowden nei it logement;
De âlde poep koam foar;
Dy roap: „*Potstausend sapperment,*
Dat steht er schuurrig roar.”
Kredyt dat hie er dêr yet wol,
Hy koe him klaeye en skoaye,
En de oare moarns mei de âlde knol
Werom nei *Suits* ta toaye.

By tsjuster gong er do nei hoes,
Den hie dat ding gjin wird.
De rok en hoed, dat wie 'n aboes;
Mar 't praet dat foel him hird.
„*O!*” roap er, „*âlde galgestrik!*
(Hy miende Foeke-moaye)
„*Dou wist it alles op in prik,*
„Ik seoe dy wol forfoaye.”

En hwa nou oait nei merken teag,
Us *Mark* dy koam er net.
It joeg oars al in nuwer eag,
Mar 't ballet ôf sa'n set.
Hy tocht net mear om fryery
En gong net mear to sink;
Hy hâlde hinnemeltsery,
Twa ljurken en in fink.

Voor liefhebbberij en tijdverdrijf — werken
hoefde hij niet, want hij had geld en bleef toch
alleen — hield hij vervolgens wat kippen en
zangvogels, waaraan hij zijn zorgen wijdde.

Hij volgde het voornemen zijner ouders, die
zooals „*Tsjibbe*” het de moeder zoo origineel
laat zeggen met het oog op een eventueel hu-

welijk van *Mark*: Wy keapje in skaedlik lapke
groun, bouwe er in kreek húske op en litte ús
libben ôffraffeljje as in âld hoas.” *Mark's* ver-
dere levensdagen gelijken deze kous.

Intusschen is zijn levensgeschiedenis toch
nog rijker geweest dan die van den negentig-
jarigen grijsaard, van wien in 't einde zijner
dagen enkel geboekt kon worden: *Hij leefde,*
nam een vrouw en stierf!

V.

Och, Keuning, Keuning, jow ús freed!
En help ús skutters út de need!

Met *Mark* zijn we aan 't einde van Dr. *Eeltje's*
vrijagie-verhalen op rijm. Wij zullen nu
eens gaan luisteren naar zijn boertige sangkjes.
't Zijn deuntjes van den dag, opgesteld voor
„t jongfolts”, om gezongen te worden bij „set
en pret”. Zij dagteekenen meerendeels út de
jaren van omstreeks 1830, toen onze jongelin-
gen te wapen werden geroepen, om uit te
trekken tegen de oproerige Belgen.

„Het regende, ja, het hagelde destijds ge-
dichten,” schreef *Jac. v. Lennep* en geen boek-
handelaar, die geen bundels met „krijgszangen”
in 't licht gaf. Het was toen, zooals *Jan de*
Rijmer het uitdrukte, de tijd

van Bemoedigingen,

Van Op te wapens, Krijgsgescheeuw,
Lierzangen op Oud-Hollands leeuw,
Den Koning, Neerland, Bato's telgen,
Den Prins, Van Speyk, Hobeyn, Chassé,
Van toosten op geheel de armee,
Van: Zegt, waarheen ontzinde Belgen!

Dr. *Eeltje* deed daaraan niet mee, *it Fryske*
aerd is stadiger, zegt hij zelf, maar toch koos
hij partij en wel voor de Friesehe meisjes, die
hij het hart laat uitspreken in een drietal
stukjes, waarvan slechts één is opgenomen in
de „*Rimen en Teltsjes*”. De beide andere over
den uittocht en de terugkomst der „vrijers” zijn
als losse blaadjes verschenen, in den vorm
van kermisliedjes en daardoor minder bekend
gebleven.

Het eerste, met een vignet van „harnas en
vuurwapens” er boven en op muziek, is ge-
titeld:

Foeke-Skutter en Hospes-Tryn.

Foeke is de vrijer, die moet uittrekken, en
Tryn, het dienstmeisje van den kastelein, zijn
vrijster. De beurtzang wordt ingeleid en be-
sloten met een korte samenspraak. Wij laten
het stukje hier volgen in zijn geheel. Mogelijk
dat het nog kan dienen als voordrachtzang op
een „winterjouunenocht”, of aanleiding kan ge-
ven tot het samenstellen van een historische
voordracht.

De sneins op 'e neidei kaem *Foeke* yn de jachtweide stappen. Dêr siet syn fryster *Tryn* to sliepen. Hja sprong einling fen de stoel en sei tsjin him: „Biste dêr, *Foeke*? Kom, ik bin blyd, dat ik dy sjog en dou griiste my ek mei dyn heislike knevels. Kom, dat trefste goed: ús Grietman hat hjir in flesse wyn stean litten, dêr is mar ien romerfol út, en as er wer komt, dan wol er dochs wer in nye hawwe.” — „Ja, mar hwer is baes *Abe*? — „Dy leit op it noflik ear oer de matten yn 't kjenmerke.” — „Kom,” sei *Foeke*, „dat wie fiks! Dan sille w' er in sangkje by hawwe,” en do songen se by elts romerfol in fêrske, lyk as hjir to lêsens stiet.

Hwer moaste nou hinne myn skutter? (bis)
 Nei *Brabân* ta, myn lieave *Nynke*! (*)
 Nei *Brabân* ta, myn lieave *Tryn*!
 Kom taepje 'ris yn! Kom taepje 'ris yn!
 Hwa seil dy dyn poatstrou dan koaitsje? (bis)
 De kok, de kok, myn lieave *Nynke*!
 De kok, de kok, myn lieave *Tryn*!
 Kom taepje 'ris yn! (bis)
 As de poatstrou dan klútert, myn *Foeke*? (bis)
 Riere, riere myn lieave *Nynke*!

De tweede regel wordt telkens herhaald met het slotwoord *Tryn* en de vierde blijft in alle versjes dezelfde.

Hwet potstrou seil de kok dy dan riere? (bis)
 Ratsjetoe, myn lieave *Nynke*!
 Hwa seil dy dyn kofje dan siede? (bis)
 De pomp, de pomp, myn lieave *Nynke*!
 As de sead dan kúld wirdt, myn skutter? (bis)
 Dan in slokje, myn lieave *Nynke*!
 Hwer sissú op sliepe, myn skutter? (bis)
 Op de triesek, myn lieave *Nynke*!
 Hwa seil dy dyn wrine dan spriede? (deken) (bis)
 De kapot, myn lieave *Nynke*! (kapotjas)
 As it strie to hird wirdt, myn skutter? (bis)
 Skodsje, skodsje, myn lieave *Nynke*!
 Hwa jowt dy dyn boesjild, myn skutter? (bis)
 Kening *Willem*, myn lieave *Nynke*!
 As de tiid dy dan lang falt, myn skutter? (bis)
 Poetse, poetse, myn lieave *Nynke*!
 As de Brabanders komme, myn skutter? (bis)
 Sjitte, sjitte, myn lieave *Nynke*!
 Sjitte, sjitte, myn lieave *Tryn*,
 Fen boppen del d'r yn. Kom taepje 'ris yn.

Doe wie de flesse leeg, en hospes *Abe* kaem opljeppende lalts út syn fjouerkant springen. „Het dat sjongen en bálten langer-noag doerre? Skear jimme er út, as jimme langer wolle. Gjinn minske kin rêste,” sei er. — „*Abebaes*,” sei *Foeke*, „Is de holle tisiig fen de moanslok? Haw ik dat nou fortsjinne? Ik haw altyd in goed minger (klant) fen jou wést: jou hawwe mannig fen myn stoerkes yn de boese. Ik stap er út, man!” — en *Tryn* lei him de

(*) *Nynke* is de verklein- of vleivorm van *Tryn*.

foarste fingers oer de knevels, en joeg him in tuetsje yn 't foarhoes — en do wie 't út.

Eeltsje Hiddes fen Gronergea.

Lang zeer lang bleven de schutters uit en daarom stelde de Dichter een

Rekwest

op, ondertteekend met

Lisk Doekle d'. Rjinkema,
 út namme fen alle Fryske fammen,
 dy skutters yn 't fjild hawwe.

Het verzoek- en beklagschrift is gericht aan Z. M. den Koning. Zij vragen den vrede en de terugkomst van hunne minnaars, waar ze het langer niet zonder kunnen stellen.

Want is der hjir of dêr in merke,
 De spylman saget om 'e nocht;
 Net ien dy ús to dounsjen freget,
 Net ién springt mei ús yn 'e bocht.

Wat hawwe wy in moaye winter!
 En as de díken is it iis;
 Wy fleane er oer as winterfoegels,
 Mar sonder skutters. Is 't gjin griis?

't Is wier, jou lit se útfenhúsje; (met verlof gaan)
 Mar och, wy sjen dy maets net oan.
 In diakensrok mei gleaune knoapen!
 En poepeskoan mei spikers oan!

In bôllefel sit op har rêg boun:
 Dêr sit in blikken thébos op,
 En om 'e hals, yn pleats fen doeken,
 In learen ding, it hjit in strop.

Ho heislik is har thuwt bewoeksen!
 't Is of 't in âlde tarkwast is:
 En wol min har ris ljordig tuetsje,
 Men rekket noait dat kramtried mis.

De iene hompelt op syn blierrren
 En klaget oer de hirde wei,
 En bringt ynpleats fen Djimter koeke,
 In koarste knersig mik'brea mei.

Dy bringt in himd fol hippentrippen;
 De grize rint ús oer de grou!
 Hwet stjonke se fen plaggestoaken!
 In neare wallem giet har ou.

In tredde skarlt op Keulske redens,
 Dêr opkoft yn it heidelân;
 Mar is dat poepark hwet roastig,
 't Gewear dat blinkt dochs as de brân.

Mar och, wy mei dat ding net lye:
 Dat moardsjen, o! dat griist ús sa.
 Och! teagen se mei sein' en kanne
 Mar nei de lege mieden ta. (te maaïen)

En as wy ris in oansit hâlde
 En komt it op 'e boeze oan,
 Dan matte wy de gearjeft meitsje: (betalen)
 Hja ha forkearde broeken oan.

Mar heart men dan dy feinten praten
 Fen fammen dêr yn har kwertier,
 O né! dy mey' se net oanroeke.
 Wy leauwe it wol! Hja binne tier!!

Wy kenne ek wol manliu, Keuning;
Leau dat de Fryske fammen mar.
Mar hawwe wy se op 'e skirte,
Den hawwe se mar ienris kar.
Dêrom wol dochts in bytsje tajaen;
Och, Keuning, Keuning, jow ús freed!
Jou scille toezen tuetsjes hawwe:
Help mar ús skutters út de need.

Het „Rekwest” van de Fryske Famkes schijnt het gewenschte sukses te hebben gehad, althans de schutters keerden terug uit den vreemde op d' eigen geboortegrond. *Leiden* was ontzet en zeker is het *Lisk Rjinkema* wel geweest, die zich aldus liet hooren in een sangkje met muziek, getiteld:

Famme-wille.

Heare *Saske*, hwet in nocht!
Heare *Saske*, hwet in nocht!
Hear ik dêr de trommen net,
Blinke de gewearen net?
Ljea, it skuttersfolk is thús;
Daelk is 't keamer op mei ús!
Dan springst mei har yn 'e bocht,
Heare *Saske*, hwet in nocht!

Saske, binn' dyn redens klear?
Saske, binn' dyn redens klear?
Al de skutters út it lân
Nimme in famke by de hân.

Ryd dan dat it goelt en gie't;
Gjin faem dy allinne stiet.
Alles ryd wer pear oan pear,
Saske, is dyn ark al klear?

Saske, hastú boaske ljea? (jawoord gegeven)
O, dyn skutter is net dea!
Fiel, dú hest him by de hân,
Dy syn trou dy joeg to pân!

Liz nou oan en tuetsje ta;
Gjin poepinne seil him ha,
Foi! dat wie gjin wachtsjen, ljea!
Sonder skutters, ljeaver dea!

VI.

Het zal wel gaan, wel gaan, wel gaan,
Van avond in het schuitje.

Naast de „Skutters-sangkjes” staan een paar „Kermisliedjes”, die evenmin in de „R. en T.” zijn opgenomen. Wel vindt men daarin een extemporé op de Grouwster kermis, even origineel van vorm als uiting. Het is een stukje, waar naast men geen tweede kan stellen in de Hollandsche taal, dat er op gelijkt, en 't is alsof het in geen andere taal zoo gezegd kan worden. Men hoort de krassende viool naast het liedje van verlangen der benijdbaar onbezorgde jeugd.

„Grouwster Merke” is een pendant van „Grouwster Weagen”. Ze staan tot elkander

als jeugd en jeld (ouderdom). Hier een ver-
meien in louter verlangen, daar ernstig naden-
ken en diepen zin; hier lustige, daar treffende
klanken. Men ga ze maar eens vergelijken en
leze dan tevens als „Dritte im Bunde” „*it Al-
derhús*”.

Grouster Merke.

Grouster merke, wyt je?
Grouster merke, wyt je?
Dêr haw ik, wyt je? folle wêst.
Dêr binne fammen, wyt je?
En de spyllu, wyt je? fylje, wyt je?
Opperbêst.

Op Grouster merke, wyt je?
Dêr kom ik, wyt je, werom:
Dêr kin men dounsje, wyt je?
Dêr kin men patsje, wyt je?
Dêr het in minske it rom.

Grouster merke, wyt je?
Grouster merke, wyt je?
Grouster merke, wyt je? komt werom.
Dan seil ik dounsje, wyt je?
Dan seil ik sjonge, wyt je?
En tinke nearn' net om. (nergens om, zonder
zorgen)

Als loten van dezen stam zijn aan te merken:

In ny Liet op Grouster Merke.

Voys: *Het zal wel gaan, wel gaan, wel gaan
van avond in het schuitje.*

Natuurlijk krijgen we hier een kermislied te
hooren, niets meer en niets minder. Als zoo-
danig hebben we het te beschouwen, 't is tra-
la, la-la, tra-ral-de-ra-la in 't kermis-schuitje.
Volledigheidshalve deelen we het mede. Al
de drie broeders hebben zulke liedjes geschre-
ven en deze zijn ons aangewezen van Dr.
Eeltje.

Toe lis mar, lis mar, lis mar oan,
Us mem dy wol 't wol lye.
Ja sei tsjin heit: „wy ha 't wol dien;
Us *Tryn* mei ek wol frye.”
Strak scille wy skotse
Trala, lala, tra lalderala;
Strak scille wy skotse.
It kjellebout ropt ús ta. (viool)

Us omke het it jak al oan;
Dêr sit de man to basen.
Hy het it by syn wyf fordoarn;
O wée! hwet seil se raze!
Mar omke en moike
Dy bruyte ús alle beide net.
Wy scille mar skotse,
Hwet ha wy joed in pret!

In âde, âde, âde proek
Mei nou nog gnorje en stinne.
De faem en feint dy kroepje oan
En litte it glêske rinne.
Kom litte wy sjonge,
Trala, lala, la lalderalda.
Kom litte wy stampe;
De hospes wol 't wol ha.

Nou romte, romte, romte mar!
Wy fleane nei de boarren.
Der stean twa feinten yn it grien,
To fjochten en to skoarren;
Wy sjonge lieaver,
Trala, lala, la lalderala,
In soepe astrinta.

Uut.

In denzelfden toonaard en van 't zelfde gehalte is:

De lêste Freed yn Ljouwter Merke.

Voyz: *De bochel die pareert altijd.*

Toe, *Nies*, ik wol de merk besjen.
Wat is it folk oan 't joeien,
Dêr is gjin âld wiif by de wiel, (spinwiel)
Gjin boer tinkt om syn ploaien.
Oeral yn 'e stêd
Is 't minsken, tsjap en glêd,
En lûns dy rigels kreammen
Fremde liu fen fier en hein;
Bern by heele teammen;
De stêd is joed oerein!

Gleane *Koen* dy stiet er al
Mei syn forskimle koeke,
De skarren foar de flauwe liu
Lit hy syn mingers roeke.
Sjen der is guchler *Murk*,
Hy is al drok oan 't wurk.
Sjen *Nies*, wat môlele franjen!
Koel, syn feint, is mei to gong,
Om har sels te leanjen,
Mei 'n tsjokke boerepong.

Gauke bliest op syn trompet,
Set wangen as in bonge.
Bonsen mei syn klarinet
Goelt ek al om ûs ponge.
Wat gappet *Gelf* der nei!
Hy is er heal yn wei.
Gelf, *Gelf*, dou wordste loese,
In pongeleger dogt in feeg,
Gelf slagt op syn boese,
Ja, man, hy is al leeg.

Wel, *Nieske-lea*, ho seil 't nou, man?
Dou kinste sa ast wotte;
Doursje of patsje is hjir de kar:
„Earst patsje”, sei se, „*Botte*”.

Kom, kom, myn famke, kom!
En *Nieske* hinge er om.
Koal, *Koal*, (*) kom dan ris harren,
It kielsgat wirdt ûs beide soar;
Jaen ûs wat te smarren,
Wy dounsje dernei foar.

Doe *Botte* en *Nies* in goe slok brandewyn
mei soeker nomd hiene, hadde se dounse, dat
it klapte en binne yn 'e moarntyd mei in
noffik holle nei hoestien. *Nies* mast dy deis
ût to skroarjen (naaien), mar it koe net; ja
hie *Botte* nou lieaver oan 'e griene side, as in
baeitsje fen 'e âldboer op 'e skette. Doe se

(*) *Koal* is de kastlein's namme yn 'e Keizerskroan.

dêr sa jolig op elkoar omhingene kaem beppe
har oer it mat en frege har, wat nijs as se
sjoen hiene en as er ek in bulte folk to *Ljouwt*
wêst wie.

Folk, man? sei *Botte*, folk? Der hienje de
Ljouwterter galgelappers, de *Frentsjerter* klok-
kedieven, de *Boalsjerter* oaljekoeke, de *War-*
kommer brijbekken, de *Hynlipper* tjeenken,
de *Dokkumer* grenaten, de *Harnser* tobbedoun-
sers, de *Beltsommer* hounen, de *Wargeaster*
breagebidlers, de *Boarnster* toermjitters, de
Ureterper oanbreide hoassen, de *Earnewâldster*
l. f., de *Arummer* moudekroepers, de *Blyer*
bellefleuren, de *Geastmer* hounewippers, de
Kollumer kattedretters, de *Ternaarder* barge-
stroepers, de *Hantummer* margeyters, de *Hal-*
lumer koekefretters, de *Wierumer* katjes, de
Peasumer hountsjes, de *Birdaarder* skijppekop-
pen, de *Holwerder* roekefretters, de *Grouster*
tsiesfordouners, de *Junsummer* kattedneppers,
de *Akkummer* skytstoellen, de *Makkummer*
strânjuttjen, de *Wirdummer* „Hâld
op mar! Hâld op!” sei Beppe, „ik begryp it
al, *Botte*. Heel *Fryslân* wie to *Ljouwt*. Dou
bist in bysfeint!” En sa gong it minske wer
hinne. „Nacht, beppe!”

VII.

Elk sei: „Binn' wy nou *Russen* wurden,
„Dat dat hjir sa yn *Warkum* moat?”

Wij hebben Dr. *Eeltje* nog te volgen in zijn
Rijmstukken, vroeger met een enkel woord als
„diversen” aangeduid, waarvoor de gedachte,
de stof of intrige door hem veeltijds is ontleend
aan zegjes of verhaaltjes bij andere schrijvers
gevonden of uit den volksmond opgevangen.
Hij weet het oude te steken in een oorspron-
kelijk en behagend kleed, zoodat zijn rijmen
frisch en friesch blijven, door de taal en si-
tuatie-teekening of belijsting en als 't ware niet
verouderen, maar steeds weer nieuwe lezers
trekken onder de jongere Friezen. Daar hebt ge

It Pelsriucht,

haast zoo oud en bekend als de weg naar
Rome, wat betreft de aardigheid, die er in be-
rijmd wordt over der vrouwen macht.

Wij hebben het oorspronkelijke verhaaltje
even opgediept en gevonden bij Dr. *Schotel*.

Zekere *P. Diephout*, notaris en procureur te
Gouda, stellig een bizonder man, liet in den
jare 1597 omroepen, dat hij een paar met goud
ge vulde laarzen wilde schenken aan hem, die
kon bewijzen, dat hij niet onder de pantoffel
van zijn vrouw zat. Toen dit niemand ge-
lukte, liet hij een schilderij vervaardigen met
zijn eigen beeltenis, de uitgeloopte laarzen aan
den arm, de bel in de hand en met dit on-
derschrift:

Dit paer laerzen wil ik vrolijk schijncken
de man die zijn wijf niet ontsiet:
Verre heb ick mijn belle doen klineken, roupen en
wijncken,
Maer noch en heb ick hem gevonden niet.
Aldus koem ik om weten, also men mij siet,
Of hij mach sijn in Goudse dal,
Die mij dese laersen afhalen sal.

Hij liet deze schilderij, „de Laerzeman” ge-
heeten, ophangen in „den Doele” en ettelijke
malen is ’t onderwerp berijmd, vooral in oude
almanakken. Zoo ook door Dr. *Eeltje*, die er
een eigen vorm aan geeft en het op eigen bodem plant.

To *Warkum* buwten oan de brêge,
Ticht oan de greate Sésylskolk,
Der stie yn ’t jier fen acht-en-fjirtig
In tropke liddig farjensfolk.

Hja hienen ’t dêr, dat stiet to tinken,
Al meast oer sémanswé en need.
Dêr waerden al de stakkers heiden,
It skiep dat waard dêr tiger-wreed.

Dat liigde dêr fen fremde dingen,
(Ut fiere lannen ligt it goed!)
Mar meastal krigen hja op ’t lêste
De lûnsregearing by de hoed.

En wylst dat folkje stie to praten,
Stoep de stedstamboer op har ta;
En grutsk op swird en glêdde tromme,
Sloeg hy er op en spriik do sa:

„De Burgemeester en Vroedsmannen
„Verbieden oan de burgerij
„Na tinnen in de kroeg te zitten;
„Maar aan de huzen is het vrij.

„Die na dien tijd daar wordt geronden
„Betaalt voor de eerste maal een kroon,
„De tweede maal drie guldens boete;
„Als ’t driemaal beurt is ’t hok zijn loon.”

Do seag dat foltsen op elkoarren,
De rôpper glimke en gong wer foart.
Elk sei: „Binn’ wy nou *Russen* werden,
„Dat dat hjir sa yn *Warkum* moat?”

„Us Borgemaster, scoe ik miene,
„Dy spyt ek yn de romer net;
„Dy het it flêsk om niuggen oere
„Al feardig yn de piket set.

„Dat ha de frouliu wis útriuchtte,”
Sa rôp in trêdde út de kring. —
Baes Piktried sei: „Dat kin net wêze.
„Foar har wie ’t in oerbodig ding.”

„Want frouliu, o, dy kinn’ ús stjoere!
„Dy hoawe wis de tamboer net.
„O, as dy mar efkes brimme,
„Den is har wille al manliu’s wet.”

„Us frouliu binn’ ús borgemasters
„En elts dy dat syn wijf net freest,
„Seil ik in bêst pear skoan forearje,
„Dy just nou sitte oer de leest.”

Hij voegt de daad bij ’t woord en hangt het
uitgeleefde paar schoenen, flink ingesmeerd met

traan, voor zijn ramen, met een briefje er aan,
evenals *Diephout* te *Gouda* juist drie eeuwen
geleden. Van *Warkum* zelf waagde zich nie-
mand, wat een boer uit *Ferwoude*, de „wylde
Boer” geheeten, zeer bevreemdde. Toen hij
’t briefje had gelezen, eischte hij den uitgeloo-
den prijs voor zich.

„Ik freas myn wijf net, doar ik sizze

„Kom, baes, jaen my de skoan mar oer,”

spreekt hij bout en krijgt ten antwoord:

„As dat sa is, scill’ jo se hawwe.”

Baes nimt de skoan fen ’t finster del

En treau se him yn ’t wite kyltsje;

Mar o, wat waard dy húsman kel!

„Hou, hou, wat seil myn wijf wol sizze,”

klinkt het verschrikt uit zijn mond, toen hij
zijn witte kiel met het vuile vet van de schoe-
nen ziet besmeerd. „Verbeurd, man!” roept
de schoenmaker en de boer

Koe sonder skoan nei hús ta gean,

In húsfol kjiibjen wie syn lean!

Daarom, regenten van steden en dorpen, —
zoo luidt de les aan ’t slot — wees in uw
wetten niet te streng, laat uw „taptoe” voor
de mannen maar rusten, de vrouwen zullen
hen wel in bedwang houden en zorgen dat ze
’s avonds op tijd thuis zijn!

Twa Boeren en de Skrie,

schijnt ons ook een oud-almanak-stukje, door
Dokter-om in de voegen gezet en even aardig
als vaardig berijmd. Het zet mooi in:

Twa boeren beide út *Longerhou*,

Dat wierne rare omen,

Mar makkers wierne it goed en trou,

die met elkander op- en uitgingen, maar wel
eens wat laat en berooid thuis kwamen, zooals
dat gaat, wanneer wijntje haar zoete lijntje
trekt. Ook nu weer.

To *Frentsjer* oan de bargemerk,

Der siet dat pear to prieuwen,

Mar op ’e neidei kaem it swerk

Trog dat gelurk mei *Age* en *Tsjerk*

Almeugend swier to driuwen.

En tsjin de joun do teag min foart,

Men sjaggle trog de poarte,

Sims kaem er wol in nuw’re hoart.

Dat box’le trog de modder foart,

Dy oer de skoan har kwatte.

Laveerend gaat het verder, tot ze lang om
laat dicht bij huis gekomen, den skries zijn
Grieto! hooren roepen, gelijk deze vogel dat
kan op de hem eigene klagende en aanklagen-
de wijs. *Tsjerk* vertolkt dien uitroep met
„*Griet-toe*” en vat het op als een aansporing
voor de vrouw van zijn kameraad, om dezen
het gelag eens betaald te zetten. Uitvarend

tegen den vogel, legt de dichter hem deze geestige woorden in den mond, die herinneren aan v. Blom's: Skilige moanne, wat wost fen my ha? enz.

Dou steltman, mei dyn miggeskoft,
De bek ta, of pas op, d'ér poft
Dy joun yet ien fen boppen!

Sa raesde *Tsjerk* do tsjin dat dier
En sei: „Hâld op fen skelden!
Dou langbek hest in raer getier.
Is *Ageman* wat oer syn bier,
Hoegst dat syn wiif to melden?“

En zich wendend tot zijn kameraad, gaat hij voort:

„Want hark is *Age*, wat er seit:
Griet, toe! Sjong, *Age* is dronken!“

Age is over deze uitlegging van zijn collega slecht gesticht. Beschonken als hij is, vuurt hij van zich af in ongezouten taal. „Dat liigste je,” zoo valt hij uit en verwijt hem, dat hij zijn eigen vrouw achter stelt bij de meid, toevallig ook „*Griet*!” geheeten. „*Griet*-toe, de boer komt er a an,” dat wil de vogel zeggen, doe hem open,

Mar hoedsje dy mar foar de blaem,
gaat hij verwijtend voort, wat *Tsjerk* zich geen tweemaal laat zeggen; hij valt op *Age* aan, smijt hem tegen den grond, dekt er duchtig op en duikelt hem ten slotte nog even kopje-onder in een vuile sloot, zonder verder naar hem om te kijken.

Daarna sluipt hij stilletjes naar huis, waar zijn vrouw hem wacht en onder handen neemt, terwijl de vogel blijft roepen: *Griet-toe!*

Mar 't slimste wie behâlden yet,
Want *Age* dy woe riuchtsje;
De oare deis siet *Tsjerk* yn 't swit.
Hy tocht: „Dy, diker! ik kry pit;
Ik mei dochs ek net fjuchtsje!”

En ear de klok nog middei sloeg
Kaem der eksteur oan stappen

met een citatie, om voor 't gerecht te verschijnen, waardoor zijn vrouw opnieuw tegen hem begon uit te varen. *Tsjerk* voelde zich niets gerust over de mogelijke gevolgen, maar er viel niet meer aan te veranderen.

* *

De rechtstag kwam.

Dér stien se beide foar 't geriucht,
Forslein as earne stakkers.
In skylde noas en lang net riucht,
En blauwe eagen; 't wie gjin nocht:
En dat foar trouwe makkers!

De *Grietman* — destijds rechter, ten wiens voordeele de boeten of breuken kwamen, althans ten deele —

't wie in stringen hear,

Dy sei: *Guen sitten, boeren.*
Sitt' jimme nou mekaer op 't leer?

*As ik die saek goed instrueer,
Gaen jimme koekeloeren.*

*Een jaer in Wibren Wibren's gat,
En hondert daelders breuken.*

*Spreek op nou, Tsjerk; hoe is 't gefal?
Dou siest al raer út d' ogen,*

spreek waarheid of het zal dien straf verhogen...

En *Tsjerk* forhelle do de saek
En fen de skrie syn roppen;
De *Grietman* dy hie wol formaek
En dochs hy siet d'ér as in staek,
Hy tochte wat to toppen.

*Nou Age, wat hew' jou in 't fat?
Het Tsjerk de waarheit sproken?*

„Hy het yn alles wierheit sein,
Behalven fen myn bruyen.
Ik net, mar 't wiif dat hat him slein,
'k Die neat, want ik haw onder lein.“

„Dat liigstou” — valt *Tsjerk* uit, doch de *Grietman* besluit:

*Kom boeren, hier gien kib'lerij;
Die saek komt gau te rechte.
Ik hoor, niet ien fen jimme is frij.
Nou geef jim elk 'n som aen mij,
Dat kan de saek beslechte.*

*Tien ducats de man, glad of,
Dat moet hier daedlik weze.
Ik breng it anders voor it Hof.
Die Heeren levere and're stof
En late heur niet beleze.*

*En as de skrie nou roept Griet-toe,
Dan moette jimme dinke,
Nou roept mynheer syn dochter toe:
„Hael mij 'n flesse weyn, Griet, toe!
Dou moest mij ook 'ris schinke.”*

Franske turven en Oranjebitter

is een geestig gevonden stukje, flink opgezet en uitgewerkt. Als motto zou men er boven kunnen stellen: *leer om leer, fop je mij, ik fop je weer.* Het speelt te *Woudsend*, voortijds een bloeiend plaatsje van schuitschippers en scheepmakers en als zoodanig door *Scheltema* in zijn spreekwoorden herhaaldelijk vermeld.

Wij vinden in dit berijmd verhaal een natuurgetrouwe tekening van een ouden schippersknecht en vrijgezel, van een vrouwtje als op bijna ieder dorp gevonden werd, dat een huisje hield van „houd-aan”, voorts van een kwakkelwinter, benevens een tegenstelling van Fransen en Prinsgezinden. Hoe beter bezien, hoe juister schets en schildering blijken te zijn van personen en gewezen toestanden. Daardoor is de lijst wat breed en raakt de intrige eenigszins op den achtergrond. Nochtans ontbreekt het niet aan aktie of handeling en leent het stuk zich uitnemend tot voordracht, vooral ook omdat de beide hoofdpersonen sprekende

worden ingevoerd, gelijk dit veeltijds het geval is in de rijmverhalen van onzen Dichter.

Dér lei in skipper to *Wâldsein*;
Ho of er hjitte wirdt net sein;
Hy hie in feint dy hjitte *Duye*,
In byseint wie it, in skarlún, (een snaak)
Mar as dy wat hie yn de krún,
Dan koe 't er nuwer hinne bruye.
Hy hie syn komste by *Tryn Klear*,
Dér koft er soepkes kear op kear.
Dy hie sawatte snobberye;
En dy mar roeg op side wie,
Of borgen after hánnen hie,
Dy koe to moek in soepke krye.
Dér libbe it minske aerdig fen:
It wie in widdou sonder bern;
De winters spoan se foar de liuwe,
En hokk'ne pearren by elkoar, (vrijagie)
Dat wie in akkefyt foar har; (buitenkansje)
Dy koen' dér noflik sitten bliuwe.
En as er ien to sink west wie, (onder water of
Of 't mei syn folk forkurwen hie, [beschonken)
Dy woe se graeg in bulsek spriede
En broei him dér 'ris tige út,
En wie er flau, him ta beslút
Wol hearrings op de tange briede.
Derom waerd sy *Tryn Klear* ek neamd.
Dy namme wie ek heel net freamd.
Want wie er ris oansetterye
En wie er 't ien of 't oare brek
Fen oalje, drank of boale of spek,
By *Tryn* wie 't *klear*; dér koe men 't krye.

* * *
't Wie winter, mar gjin ridens iis,
En dat forfeelde de âlde biis;
De liddigheit jowt nammers flinken.
De fammen pleagje as in Turk,
